


# POEZY ÛT OF OER ALDEGEA

1 fan de 13 doarpen fan Drachten smellingertân



## INHOUDSOPGAVE

Alde beam .....	1
Alde gea .....	2
Aldegea .....	3
Aldegea .....	4
Aldegea .....	5
Aldegea .....	6
Aldegea, simmer 1969 .....	7
Aldegeaster Toer en Tsjerke .....	8
Bakkerij de Vries .....	9
Bocht in de rivier .....	10
Boeren en Stikstof .....	11
Bûtenút .....	12
By de feart .....	13
De Aldegeaster tsjerkebeammen .....	14
De âlde toer .....	15
De Bakbrogge .....	16
De Blauwe Stien .....	17
De Blauwe Stien & pater Boudewijn .....	18
De Doarpsomropper .....	19
De Gealânswei .....	20
De Grytman .....	21
De Hoop .....	22
De Postrinner .....	23
Desimber .....	24
Do hast hjir rûn .....	25
Do seist it mar .....	26
Doarpsfeest 1994 .....	27
Dreampaad .....	30
Earlike minsken .....	31
Fan Aldegea nei Rijnsburg .....	32
Ferbûnens .....	33
Ferline .....	34
Flucht .....	35
Frjemde Fûgels .....	36
Gelukkig Nieuwjaar <sup>1</sup> .....	37
Gelukkig Nieuwjaar <sup>2</sup> .....	38
Hjerst .....	39
Hoe <i>De Hoop</i> de wijk neemt .....	40
Hoop van stenen .....	41
Huismoeders .....	42
In Jannewaris dei oan de Wide le Wijde Ee .....	43
It âld Smelne Geaster Paradys .....	44
it Kistke .....	45
It rjocht dat sprekt .....	46
It snoade fanke .....	47
Jan Durkspolder .....	48
Joech ik dy wurden .....	49
Knikkerisje .....	50
Kreambesite .....	51
Lânskip fan har libben .....	52
Limmerick .....	53
Ljochtmoanne .....	54
Maat .....	55
Maitiidsmimeringen .....	56
Max .....	57
Meer licht gevraagd .....	58
Melkerstiid .....	59

<b>Muziekvereniging <i>Looft den Heer</i> 100 jaar</b> .....	<b>60</b>
<b>Molenhoek</b> .....	<b>69</b>
<b>Myn kuijerke</b> .....	<b>70</b>
<b>Nachtik romsicht</b> .....	<b>71</b>
<b>Niet slapen</b> .....	<b>72</b>
<b>Oan in âlde freon</b> .....	<b>73</b>
<b>Oerstaptút</b> .....	<b>74</b>
<b>O FROU <i>it is jo oan te sjen</i></b> .....	<b>75</b>
<b>Oh Oudega, wat zijt gij donker</b> .....	<b>76</b>
<b>Oudega 900 jaar</b> <sup>1990</sup> .....	<b>77</b>
<i>Feestliet</i> .....	77
<i>Minsken, Minsken</i> .....	77
<i>Hulde oan Alde Gea</i> .....	78
<i>Ik sjoude mei myn skûmkes</i> .....	79
<i>De Saksen</i> .....	80
<i>Aldegea mei dyn kleare loft</i> .....	81
<i>Tinke oan it âlde doarp</i> .....	82
<i>It Eibertsnêst</i> .....	83
<i>Protest</i> .....	84
<i>Ik wit net wat jim wolle</i> .....	85
<i>It Keunstwurk</i> .....	86
<i>Klompe-dûns</i> .....	87
<i>Boeren, it rint út 'e hân</i> .....	88
<i>Supportersliet</i> .....	89
<i>Oan 'e ein</i> .....	90
<b>Oudega, o Oudega!</b> .....	<b>91</b>
<b>Simmer strân</b> .....	<b>92</b>
<b>Sinterklaas</b> <sup>1</sup> .....	<b>93</b>
<b>Sinterklaas</b> <sup>2</sup> .....	<b>94</b>
<b>Skiednis fan Aldegea 1899-1900</b> .....	<b>95</b>
<b>Skoft</b> .....	<b>98</b>
<b>Slachter Oeds Pietersma</b> .....	<b>99</b>
<b>Swalkerslietsje</b> .....	<b>101</b>
<b>Sterke tsjerke</b> .....	<b>102</b>
<b>Ticht</b> .....	<b>103</b>
<b>Tiden hawwe tiden</b> .....	<b>104</b>
<b>Tiid</b> .....	<b>105</b>
<b>Toudûnsje</b> .....	<b>106</b>
<b>Tusken de wite stippen</b> .....	<b>107</b>
<b>Us âlde toer</b> .....	<b>108</b>
<b>Wolken</b> .....	<b>109</b>
<b>Colofon</b> .....	<b>110</b>
<i>Bronnen</i> .....	110
<i>Disclaimer Copyright©</i> .....	110
<i>Foto verantwoording</i> .....	110
<i>Realisatie &amp; Samenstelling</i> .....	111

## Alde beam

Hein Westerhof

Woensdag 19 augustus 2020 – Ter nagedachtenis aan de boom *Aesculus hippocastanum baumanni* – gekapt op 20 augustus 2020

Verschenen in *Negen verhalen over bomen* Met de natuur mee - uitgave Ministerie van Landbouw, Natuur en Voedselkwaliteit; Den Haag, februari 2021

Oan't begjin hjir fan de Buorren  
Stiest te pronkjen breed en fier  
Hoelang kin nimmen mei wissens sizze  
Mar 't is wis en wrychtich mear as  
hûndert jier

Hiele kloften seachst oan dy foarby gean  
Generaasjes jong en âld  
En do bliuwst dêr hieltyd op dyn eigen  
plakje stean  
Simmers waarm en winters kâld

Maaitiid hjerstmis rein en stoarm  
Bûgjend meigean en oerlibje  
Wurkest oan dyn moaie foarm  
Wylde kastanje no fan âldens eins tam

Weitsjend oer it âlde hou  
mannich deade seachst foarby gean  
No komt anst dyn ein ek gau  
Aanst it gefjocht mei seage en bile

In kraan sil dy it lêste setsje jaan  
It giet ús oan it hert  
we kinne neat mear foar dy dwaan  
mar fan in ôfskie hiene we ferlet.

Rêst no yn frede âlde freon.

Aan 't begin hier van de Buurt  
Sta je te pronken breed en fier  
Hoelang kan niemand met zekerheid  
zeggen  
Maar het is wis en waarachtig meer dan  
honderd jaar

Hele troepen zag je aan je voorbijgaan  
Generaties jong en oud  
En jij blijft daar steeds op je eigen plekje  
staan  
's Zomers warm en 's winters koud

Lente herfst regen en storm  
Buigend meegaan en overleven  
Werk je aan je mooie vorm  
Wilde kastanje nu van ouderdom eigenlijk  
tam

Wakend over het oude hof  
Menig dode zag je voorbijgaan  
Nu komt zo jouw einde ook gauw  
Straks het gevecht met zaag en bijl

Een kraan zal je het laatste zetje geven  
Het gaat ons aan het hart  
We kunnen niets meer voor je doen  
Maar een afscheid hadden we nodig.


Rust nu in vrede oude vriend.

## Alde gea

Hindrik Riemersma

Dichterspaad 2015 - Paneel bij kunstwerk *Steentijd* aan de Buorren / Achterwei.

In 2010 gepresenteerd bij de onthulling van het kunstwerk door Hindrik Riemersma en wethouder Nieske Ketelaar.



fean en sân  
hawwe hjir harren woartels hawn  
  
earder kamen iis en wetter  
brochten stiennen en sompen  
rûch wie it gea,  
it efterlân  
  
de flakten – letter –  
waarden wâlden  
lang om let it minskdom foarbehâlden  
  
it rindier fan doe  
is no  
de hazze, it hert, it hynder en de ko  
  
wat nij wie  
is wurden ta it âlde  
om – sûnder wjergea –  
fan te hâlden

ALDEGEA

## Aldegea

**Frits Feddema** tekst en **Jeroen Bos** zang

Origineel van Randy Newman: Birmingham - <https://www.youtube.com/watch?v=ayMIC4P6R58>

Mei ûs heit - mei ûs mem  
Kaamen wy fanôf de klei  
Fanût de wâlden  
Terjochte yn ..... Aldegea

D'r wie in bakker en in slachter  
En in sexboetiek wie d'r ek  
Elk koe elk by de namme  
Aldegea dat wie te gek

Aldegea Aldegea  
Doarp yn'e wâlden oh sa kreas  
Bliuw hjir altiid wenjen oant myn dea  
Wol nea wer fuort út Aldegea

Toch wol raar bist kristlik of iepenbaar?  
Twa ferskillende groepen- elk har eigen wei  
Mar dêr tochten wy oer nei  
't Wie gjin probleem

'k Hie in buorman mei in moaie wein  
Kamen wy yn'e buurt dan kaam hy oerein  
Boze buorman sei dan fuort: hjir wei  
Jammer dan

Aldegea Aldegea  
Doarp yn'e wâlden oh sa kreas  
Bliuw altiid hjir wenjen oant myn dea  
Wol nea wer fuort út Aldegea

## Aldegea

Saakje van der Veen

Niet geselecteerde inzending voor Dichterspaad 2023

Ik nim dyn wêzen begearich yn my op  
hiel ûnferwachts  
Fryslân yn in nutedop.

It gastfrije giel fan dyn blommen,  
it betochtsum blau fan dyn wetter,  
it sêftaardiche swart fan dyn kij  
en it guodlik grien fan dyn greide.

Dit bjusterbaarlike stikje wrâld,  
is no djip fêstlein yn myn ûnthâld.  
Myn hert nimt it gefoel fan hjoed mei,  
op myn takomstige libbenswei.

Dizze selde dei yn Aldegea,  
komt foar my fansels net werom  
nea,  
mar fertize yn myn hiele lea,  
nim ik him wis mei tot oan myn dea.

It belibbe giet sa net ferlern  
en ik kin altyd noch werom sjen  
en beslute ea yn myn bestean,  
nei dit paradys werom te gear

want yn spyt fan de wrakseling mei 't klimaat,  
pronket de natuer hjir yn har fol ornaat!

Aldegea  
folslein fertize yn myn lea

## Aldegea

Aaltje Sebelina Talma-Hollander

Bron onbekend

Yn 't âlde Fryske lân  
Wit ik een plakj' op 't sân  
Smûk yn 'e beammen  
Wat ek de wrâld my seit  
Ek as myn takomst leit  
Fier oer de grinzen

Dêr hat myn widze stien  
Der ha 'k nei skoalle gien  
Dreamd' ik myn dreamen  
Heech boppe alles  
Wer dat myn wei ek giet  
Wer dat myn lot my fiert,  
Djip yn myn tinzen  
Djip yn myn hert

Stiet stil en stoer  
De âlde toer,  
De âlde toer  
Hâld oer ús doarp by  
Ferjit ik doch nea  
Myn Aldegea  
ús Aldegea  
Byld fan myn jonkheit

Dei en by nacht  
Hoedzjend oer 't minsdom de wacht  
't doarp mei syn âlde toer  
Is my sa djoer

## Aldegea

A. Welling

Uit het boek *In slach om 'e tsjerke* van D.A. Tamminga 1980; eerder verschenen in *Nieuwsblad van Friesland* van 1 oktober 1904

Oerâld is de namme fan Aldegea wis,  
Men fynt hast gjin âlder, sa is 't sûnder mis.  
It leit dêr sa freonlik oan 't Ald'geaster Sân,  
't Hat bou en 't hat greide en de romte fan lân.

Fan Smellingerlân wie 't haadplak alear  
En 't siet och sa skoan yn syn hear en syn fear.  
It slot fan 'e grytman dat pronke er sa wiid  
Mei grêften en singels, sa smûk en sa wiid.

Yn in gevel, alearen in hûs fan 't gerjocht,  
Komt it byld van Justitia klear foar it ljocht  
As stomme getuge fan 't weitein bestjoer:  
Doe't Drachten omheekwaam wie Ald'gea der oer.

Lykwol, wát feroare, de tsjerke en de toer  
Sa âld as de wei, bleauwen beide noch oer.  
Har muorren bin grutdiels fan dowestien,  
Unbidige tsjok en noch lang net fergien.

De skildere glêzen, mei leadwurk omset,  
Dêr't de adel fan Fryslân har wapens op het,  
Bin seldsum, sa ek de roubuorden nei 'k mien  
Mei wapens beskild're en mei lofwurk besnien.

By minsken dy't reizigje dit wâlddoarp troch  
Kriget ien en oar dan ek gauris besjoch

## Aldegea, simmer 1969

T.O.H.

Ingezonden gedicht in de krant in het kader van plan it Sân

### Bungalowplan 'it Sân' 1967

"t Is dochs binaud, 't is dochs binaud

Dat de gemeente ús hjir gjin tastimming

foar hwat wetterwille jowt!

Wy sitte hjir yn 't wetterlân

Mar dochs is hjir hwat oan 'e hân

Gjin plak foar de bern om to swimmen

Hwerom doch al dy remmen?

Mei in bytsje jild en goede wil

(Al sit it fjouwertal net stil)

Mar 't is dochs einlings wol fordraeid

Dat alles yn de Mjuksegroppe baeit

Mei al dat drokke far-forkear

Of mat der earst in ûnk hjir barre

Foardat der foroaring komt?

Lit trochgean dochs is plan it Sân

Dan binne wy út 'e brân



## Aldegeaster Toer en Tsjerke

Sjouke de Zee † 1954

Dichterspaad 2016 paneel tegenover Sint-Agathatsjerke - út *Fen lang ferlyn*

Jimm' drege toer en tsjerke  
Oan de oare Rant fen 't wiid,  
Jimm' wêzen, 'k kin 't sa merke,  
Sprekt fier út grize tiid.  
Nei 't stoarjeboek yn wizzens sei,  
Komm' jimme út toalfte ieuw al wei,  
Mar leit dyn tiid omfierren,  
Sa'n lange rek fen jierren,  
Jimm' stean dêr hjoed yet ûnbidoarn.  
En binn' fen 't âlde gea de kroan!

Trou stean' jimm' neist elkoarren,  
Mar dochts net oan'oar fêst.  
Wol binn' jimm' elkoars skoarren  
En fine it sa grif bêst.  
Dû toer, sa eptich, foars en heech,  
Fen douwe- en bakstien, hecht en  
dreech,  
En kreas omklaeid mei klinkert,  
Bist' fier yn 't rûn de blinkert;  
Min sjocht dy op in ôfstân skoan  
As Aldegeaster swide kroan.

Alear yn 't griis forline,  
Wierst ' fins'nis ek foar 't gea;  
Ynwindich kinn' 'm yet fine  
Hwet jamk de rjochtspraek bea;  
in blok stiet yet as pynbank ré,  
't Forklearret ús, ho 't op dit sté  
Mûlk folle kwea forrjuchte  
Mei liifspraek waerd bisluchte.  
En 'n stiennen deakist, geef as kryt,  
Bewarrest sûnder wryt ef slyt.

Dyn klokkelet, sa treftich,  
Klinkt út dyn krune wei;  
It galmet lûd en kreftich  
Ut hege mûlen wei.  
't Klinkt as boadskipjend jubellet,  
Of 't sprekt fen rouwe, leedzje en smert;  
De tidenrin koe 't bringe,  
Need 't âlde gea bispringe.  
Sa 's grytman Jelle Sikkes tiid  
Yn fyftjin fyftjin's neare striid.

En dû, o grize tsjerke  
Museum fen dizze groun,  
Yn dy, elkien kin 't merke,  
Wirdt skat by skat yet foun; -  
Kleurd glês yn 't âld romaenske rût,  
dat byldet kinst en lofwirk út.  
't Seit hwet de tiid hat nommen  
As bût fen gean en kommen  
Rouboerden jow' m i wapens oan:  
Ofbritsen libbens, fall'ne kroan.

O, grize toer en tsjerke  
Oan de oare kant fen 't wiid,  
limm ' dregens hat bisterke  
De pit fen earder tiid.  
Dat moaije, o, dat minje ik sa,  
En 'k wol der graech myn part fen ha;  
Jimm' bliuw' foar my de tsjûgen  
Fol trou yn hechte foegen; -  
Hjoed stean jimm' ' ljochtsjend, ûnbidoarn  
Oerein as de Aldegeaster kroan.

## Bakkerij de Vries

Hein Westerhof en Eppie Bosma

Facebook 31 december 2022

Na een historie van 133 jaar 1889-2022 en vier generaties van bakkers heeft de familie de Vries besloten om per 1 januari 2023 te stoppen. De bakkerij gaat verder met een nieuwe eigenaar onder de naam *Bakkerij Lenis*.

37 jaar naast de bakkerij van Kees en Wik een bakkerij voor brood en mik maar ook beschuit en roggebrood en koekjes met amandel en hazelnoot.

Dan het gebak met vruchten en met room, dat was voor Griet haar ware droom, want elke morgen kwart voor acht was het weer tijd voor spijs zo zacht.

En in de winkel bij Wikje en Aaf getwee kwamen de klanten en gingen tevree met broden, banket in auto of op fiets met producten van Kees ontbrak het aan niets.

Nu is het zover het einde is daar, Kees heeft het gehad, Drees is de sigaar Hij draagt nu het stokje over aan Stefan de Lange en zal binnenkort nog wel terug verlange.

Maar tijden hebben tijden en wij willen wensen geniet van je vrije tijd zoals zovele oudere mensen

Se wienen alle dagen moarns ier  
mei daai, koekjes en bôle yn 't spier.  
Jierren lang, mar nei dizze wike net mear  
De famylje de Vries is er mei klear.

Nea fakânsje as in frije dei  
Mar foar Aafie, Griet, Kees en Wikje komt dat no tichterby.

Se hâlde no op en geane yn de rêst  
wy gunne jim dat allegeare bêst.  
It genietsje kin no mar begjinne  
Dat wolle wy jim net ûntnimme  
Jim iten smakke altiid goed  
En foar de takomst ha we ek gjin noed

De bakkerij is no fan Stephan  
Dy kin der ek wol wat fan

Foar ús binne jim de kampioen  
Dus genietsje fan jim pensjoen

## Bocht in de rivier

D. van der Mark

De Bakbrogge februari 1993 nummer 1

'n Ald Aldegeaster socht in byld

In stânbyld wie der sein....

Hy fûn it net; gjin wûnder ek

't wie op 'e grûn dellein.

Betsjutte dit de haven soms?

Wit jimme wat hy sei?

*“Dan moast der eins as blikfanger Jan Potskipper noch by!”*

Dy wenne eartiids op dit punt

Wer 't hy in winkel hie mei diggelguoud en boppedat

ek nocht oan nif'ljen hie

sa blykte 't yn syn 'turfmuseum'

dat hy ek keunstner wie.

## Boeren en Stikstof

Annemarie Ossendrijver

Facebook 20 juni 2022

Geschreven voor het protest van de boeren tegen het nieuwe stikstofbeleid voor de protestdag op 22 juni 2022 in Stroe

Leafe bewenners fân us Fryske lân  
By disse wolle de boeren graach in oprop dwaan

Foar de measte minsken is it jir sa  
Dat jim in prachtig útsicht ha

No wolle se jim dat fanút Den Haag ûntnimme  
Se sisse dat we mei kij yn it lân neat mear kinne

Se wolle bouwe bouwe bouwe  
It lân by de boeren wei klauwe

Friezen! Wy jouwe us lân dochs net op foar distributie centra,  
sinnepanele fjilden as dat soarte unsin?!  
Wy buorkje foar de wrâld, net foar eigen gewin

In ko rint net op diesel as benzine en hat gjin utsteat fân NIX  
Dy docht it best op gers en biks

De boeren en boerinnen matte woansdei de dyk wer op en dat doche se net graag  
Mar wat kinne jimme thús no is de fraag

Lit jim hearre op wat foar wize ek  
Neat is ien ús eagen te gek

Buorden mei teksten op eltse hoeke, lantearnepeal as tún  
Gien mei mekoar mar op de strún

Hingje de flagge oan de stok healwei  
De need is heeg dat sisse we der by

En lit we hoopje minsken út Fryslân  
Dat se ien den Haag gau tinke mei goed sún Boereferstân

Alfêst tige tank!  
En...diele mei



## Bûtenút

Antsje Mud

De Bakbrogge december 2003 nummer 7

Nei de twadde nacht  
mei min acht  
bellet se koartsich út Drinte; ik kom sa en  
sa let  
se ride al yn de Alde Feanen ha'k heard  
hastich alles byinoar socht,  
sy hat termysk ûnderguod kocht,  
sette wy ôf nei de Headammen  
twa âldere jonge fammen  
bergen auto's, net in mins te sjen  
sjochst wol, se ride allegearre al bûtenút  
bern!  
gigeljend gliidzjend op it sleatsje falle wy  
krekt net  
de redens ûnder; binne de fuotten wat  
opset?  
efkes letter op de âld Headamssleat:  
wat giet it maklik, wy bin 't noch net  
ferleard  
it brún bûgjend reid wuift ús freonlik ta  
oeral ploechjes riders no, se fermeitsje har  
sa  
elk praat oer hoe moai en je moatt'je derby  
jaan  
moarn kin it waar ommers wol wer  
omslaan  
moatst sjen hoe lokkich at se allegearre  
binne  
seit sy en it skeelt net folle as sy lit in trien  
rinne  
it glêde iis spegelet inket swart, wy glide  
hieltyd better  
en samar steane wy foar it wide wetter  
no oppasse, sykje wêr't streken steane  
want wy wolle net yn in wek fleane  
prate gnizend ôf, wy helpe inoar yn gefal  
fan snoek  
oan de oare kant de mar hâlde wy efkes  
hoek  
dêr stiet in man fol ôfgrizen te fertellen oer  
famylje fan him  
mei fakânsje op Tenerife, it begruttet ús  
slim

snein komme se werom, mar dan teit it,  
moat hy dochs wol laitsje  
wy sette ôf, wolle noch in rûntsje meitsje  
de Folkertssleat oer kin noch net lije, wurdt  
ús sein  
ticht by de kant lâns nei de Rengerspôle, al  
is dat in hiel ein  
mar dat let ús neat, it gie hearlik, wy  
genoaten  
it iis wie hjir robbelich, dus waarme poaten  
hjjir en dêr sittte, stil byinoar, klobben einen  
en ha wy in meterke iis sadat wy, benaud,  
tsjininoar seinen  
komt dit wol goed en wêr is de jonge fan  
sa niis bedarre  
hy ried foar ús op, hy sil no dochs net  
ûnder it iis farre?  
werom oer de Graft, kaam ús de wyn tsjin  
en it iis waard no skosserich, ferrekte min  
goed achter op'e redens stean, de kont  
sakje litte  
koarte streken, poeh, it wol ek wol switte  
earst noflik achter har rêch, moat ik ekris  
foar  
ik dûk yninoar, set my teskoar  
knibbels en ankels en teannen begjin ik te  
fielen  
snot komt my ta de noas út spielen  
de bûsdoek sleep ik wei en dat ha'k witen  
aanst leit der ien op it iis te moartsjen en te  
kriten  
seit sy en hâldt my út de wyn  
en sa ride we de Headamssleat wer yn  
groetsjend, Jan en alleman, hiel stoer  
fleane wy der it lêste ein oer  
ússels al lekker meitsjend foar as wy aanst  
sieten  
poeiermolke dronken en snert ieten  
mei gleon reade hollen strampelje wy nei  
le-sicht  
lûke hastich de doar achter ús ticht  
oerallich gerûzemoes ferwaarmet ús  
wy binne fuort noch net wer thús

## By de feart

### Antsje Mud

Dichterspaad 2015 - paneel aan Alddijp bij ingang voormalige Fokke Wietske paad

Wie it ea earne frediger as hjir, oan'e âlde  
Aldegeaster Feart? Mei syn earste en syn  
twadde bocht, it eilantsje flak foar de iepen  
snút, dêr't breedút in wite swan yn driuwket.

In fisker fangt syn eigen gedachten en  
prakkesearret se teplak. It blauwe boatsje fynt  
rêst oan de polderdyk. De rappe draafster op  
it Fokke Wietske Paad liket op'e rin foar  
alles wat se dwaan wol en moat.

It âljen fan in kealjende ko klinkt  
it Gealân oer. Kalm skoot in kano foarby.  
In lichte rimp'ling en it is wer stil. Hjir  
wit ik altyd út hokker hoeke de wyn waait.

## De Aldegeaster tsjerkebeammen

A.W.W.Gz. Foarjiersmoanne 1904

Doarpsomropper juli 1981 nummer 10 - De Bakbrogge september 1992 nummer 4 - De Bakbrogge mei 2001 nummer 3

Hjir stean wy nou, d'iep'ren reuzen  
Sa lang de pronk'fen Aldegêa.  
Hjir tusken tsjerke en posterije  
En nou! foroardield ta de dea.

Troch 't wreed beslút fen tsjerkefâlden  
Meije wy hjir nou net langer stean.  
De bile wirdt al foar ues slipe,  
Sa mat ues greatheid nou forgean.

Ja! lang haw' wy hjir as stânfriesen  
Al stien, en mei ues bledrich krún  
Bjuw scaed en lijte brocht sa't hjerde  
Oan postoarije en hjar tún.

Mar ek om't plak dêr d'eale deaden  
Wird' yn 'e yw'ge rêste lein,  
Stean wy as wachters, steeds omslutend  
't Memento mori 't libbensein.

Wiid spraeten wy ues swiere krunen  
Heech rikken wy ues reuzelea  
En toanden uuren fier de swalker  
It fredich doarpke Aldegea.

En komt in stoarm ues te berinnen  
Elk biedt him trou de stoere kop.  
Hy mei dan skodsje ues en bûwkje  
Wy nimme him yn ues earmen op.

Mar f'line hjerst doe wylde stoarmen  
It ierdryk teistren, wreed en fel,  
Doe waerd it ien fen ues te machtig  
Hy briek midts twa, en joech him del.

En sont syn fâl is ues fortrouwen  
By tsjerkefâlden glêd ferroun,  
Hwent ringen komm'ek wy te fallen  
Sa stean wy oan ues libbensjoun.

Mar nei ues scil de sinne scroeije  
Hwer't simmers troch ues scadich wie  
En scill' de stoarmen frij forniele  
Hwer 't foartieds jimmer feilich stie.

Ja! siker men scil't onderfine  
Mar net oars as ta eigen scea,  
Hwent mei ues scil ien diel fordwine  
Fen't oansjen dochs fen Aldegea.

## De âlde toer

Gjil Welling

De Bakbrogge juni 2011 nummer 3  
Foarlêzen by de kremaasje fan Alle Welling

Mids yn 't doarp stiet stoer en dreech

D' âlde skiere toer

Sjocht de wide fjilden oer.

Sjocht omheech, omleech

altyd sjocht er fier yn 't rûn

wrotten en gejei,

alle minsken wrotte mei

op é lege grûn.

Ienkear is har skreppen oer,

ienkear komme hja

nei it stille tsjerkhôf ta

by de âlde toer.

Freonen geane swart en stom

't tsjerkhôf skriemend oer.

Mar dan komt der út é toer

freonlik fol gebrom.

Freonen ha'k nei 't grêf ta brocht

freonen fan myn hert.

Alde toer-Klok yn myn smert

brocht dyn ropstem ljocht.

Wolkom, Wolkom kom mar kom

hjr is frede en iivige rêst

oer is libbens lêst,

rêst yn swiete slom.

## De Bakbrogge

Auke de Boer

De Bakbrogge april/mei 1992 nummer 2 en Dichterspaad 2015 paneel & locatie onbekend

By it ûnthullen fan kûnstwurk *de Bakbrogge* op 19 juni 1990

Op it West, fiif stikken lân westlik fan Marten Drint,  
wêr't Aldegea begjint,

dêr is it plak wêr't min fan seit  
dat it stik lân de *rogenebakken* leit.

It leit njonken Beppe-finne,  
dêrmei kin dit ferhaaltsje begjinne.

De eigner dy't dit lân besiet,  
hie dêrfan in bulte fertriet.

It lân stie fol galjes en snilen en mear ûngemakken,  
dêrtroch hie de man fuort gjin winst te pakken.

De hege lêsten joegen skea  
en perfoast gjin brea.

In keaper sykje  
dat soe dy eigner wol wat lykje.

Mar in keaper foar in stik lân fol ûngemakken,  
hawwe jo samar net te pakken.

Oan't de bakker kaam dy't doe in útstel die,  
wêr't de eigner wol earen nei hie.

In tiidlang alle wiken in fjirde part brea dat wie it bod.  
No dat like ús boer wol wat.

Syn betinkst wie: in fearn<sup>1</sup> bakken derby,  
“*sadat ik alle dagen myn bakbrogge krij*”.

Hjirmei kinne jim dan no witte,  
dat wy fanôf dy tiid *Aldegeaster bakbroggen* hjitte.

Nei de safolste eigner fan it stik lân,  
krige Ime it yn'e hân.

It lân leit der no kreas bij  
en faak rinne der no in keppel kij.

<sup>1</sup> In fearn bakken is 26 bakken twibakken. In fearn is in fjirdepart, mar it wie de gewoante dat men 4 op 'e 100 opta die, yn dit gefal dus 1 op de 25 bakken. Us tjiintwurdich pakje bakken is in heal fearn en dus 13 bakken. De âlde namme twibak komt fan it twa kear bakken: nei ien kear bakken waard de waarme pof flak ôfsnien en dan waarden beide helten wer bakt.

## De Blauwe Stien

### Toering

Uit *Earnewâld en omkriten. Foarhinne en hjoed de dei*. Auteur: Arend Toering, geschreven door de vader van de auteur

As wy fytse, as wy ride  
Of yn 'e boat earne hinne glide  
Dan sjogge wy ris om ús hinne  
Wêr't wy op de wrâld ek binne  
Elk sjocht dan as it der om spant  
Nei dingen fan syn eigen trant

In boer, dy sjocht nei lân en kij  
In dûmny nei de pastorij  
In mem sjocht nei in oar syn bern  
In fisker sil nei 't wetter sjen  
De feinten sjogge nei in fanke  
In timmerman faaks nei in planke

Mar lit ús sjen ek nei 't ferline  
De dingen dy't ús mei-inoar ferbine  
Der lei oan 'e oare kant fan Aldegea  
Dy nimt gjinien san op 'e lea  
Haj neam him de blauwe stien  
Syn skiednis wit hast eltsenien

It wie yn sechtjin twa en santich  
Doe lei de stien dêr like kantich  
Mar 't wie oeral net like fredich  
Doe hie men Oranje wer nedich  
Want sjoch de fijân wie yn 't lân  
De huzen stieken se yn 'e brân

Yn Fryslân wie Oranje bleaun  
Yn Hollân fan it plak ferdreaun  
Doe rôp it folk wer om Oranje  
Krektlyk as yn 'e striid tsjin Spanje  
De fijân hearske oer ús lannen  
En hie de grutste helte yn hannen.

En fia Boarnburgum útein setten  
Kaam doe in hiele kloft opsetten  
Yn Aldegea hiene hja 't fernommen  
Mar stiene net klear mei blommen  
Hja wienen wyt grif as in doek  
Mar wâldlju binne altyd tûk

Hja soene har ta 't lêst ferwarre  
Dêr by de brêge soe it barre  
Mar doe't hja dêr mei-inoar stiene  
Seach elk dat sy gjin wapens hiene  
Doe hellen se wat bijekuorren  
En oare rommem út 'e buorren

Doe't dan de poepen fierder woene  
En dêrby troch de bijen soene  
Doe krigen sy fan al dy bijen  
Safolle stekken, it wie lijen  
Sa koene sy net fierder komme  
En hawwe doe har sabels nommen

Fan lulkens sloegen s'op de stien  
As hie dat deade ding it dien  
Noch leit die stien yn dy lânsdouwe  
EN sjogge jim de sabelhouwen  
As wy dêr fytse, as wy dêr rinne  
Docht ús tinken oan in fier foarhinne.

## De Blauwe Stien & pater Boudewijn

F.J. Hoeksma Sachsen

Uit *Hepkema Courant* van 11 januari 1916

M. de Red.! Voor ongeveer 18 á 19 jaren heb ik eens in Uw blad, toen nog Nieuw Advertentieblad, een stuk geschreven over den steen aan den Hoogedijk, bij Oudega (Sm.). Tevens maakte ik melding van een oud gedicht, van den vader van den oud-notaris Blom te Drachten, naar ik meen 81 verzen, dat over dezen staan gemaakt is. Het gedicht ving zoo aan:

Er ligt sinds overouden tijd,  
Een zware en ruwe steen  
Op den Oudegaster Hoogedijk,  
Terneergezonken in het slijk,  
Met mos begroeid daarheen.  
Die steen bepaalt de scheidingslijn  
Van 't dorpelijk gebied,  
't Geschiedverhaal heeft lang geleên  
Gewaagd van dezen ruwen steen,  
Thans waagt van hem mijn lied.  
Men zegt, en 't vond voorheen geloof,  
Althans zoo klinkt de maar,  
Dat een Godvreezend monnik vaak  
Vermoeid van de afgedane taak,  
Zijn rustplaats koos aldaar.  
Zijn naam was pater Boudewijn,  
Van Smalle Ee convent  
Door Godsvrucht en een vroom gemoed,  
Door deugd die menschenliefde voedt,  
In 't gansche land bekend.  
De pater was een ieders vriend,  
Hij deed aan allen goed,  
En zat hij neder op den steen,  
Dan schoolde 't landvolk om hem heen  
En elk bracht hem zijn groet.  
Docht pater Boudewijn werd oud.  
Hij telde tachtig jaar.  
De tocht naar 't dierbaar plekje grond  
Waar hij zijn grootst genoegte vond.  
Die tocht viel hem te zwaar.

Pater Boudewijn bleef dus een tijd lang in 't klooster, zonder dat hij den tocht naar den steen nog eens maakte. Maar op éénmaal voelt hij een onstuimig verlangen, om zijn lievelingsplekje nog eens te bezoeken. Op zijn wensch wordt hij per roeiboot naar den steen gebracht en zooals gewoonlijk staat het landvolk rondom hem. Toen kreeg pater Boudewijn een visioen en hij verkondigde aan de omstanders, dat eens bij dezen steen een zware strijd zou gestreden worden, doch dat de vijand de nederlaag lijden zou. Toen zonk hij neer en was dood.

Vele jaren later, in 't jaar 1672, maakte de bisschop van Munster en Keulen, Bientje van Galen, een rooftocht door ons land. Van Suameer naderde hij over Nijega het dorp Oudega. Doch in Oudega

Had men van top en torentrans,  
Den vijand lang bespied.  
Gestaâg zorgvuldig opgelet,  
Waar hij zijn gangen had gezet.

En dien overeenkomstig zijn maatregelen getroffen. Toendestijds was de Hoogedijk de eenige weg naar Oudega en was deze weg van beide zijden door water omspoeld. Onder leiding van een zekeren Hendrik, die als matoors op zee gevaren had en dus iets meer van de wereld wist, werd de Hoogedijk doorgegraven. Buitendien richtte men nog een barrikade op van ploegen, eggen, enz. en stapelde daartusschen een groot aantal bijenkorven op. Dit bleek het redmiddel te zijn. Toen de vijand de barrikade wegruimen wilde, kwamen de bijen bij duizenden tevoorschijn, zoodat men het veld ruimen moest.

De groote keisteen, waarop pater Boudewijn menigmaal gezeten had, lag in de onmiddellijke nabijheid.

De vijand zal over zijn mislukte poging, om Oudega te bereiken en uit te plunderen, zoo woedend geweest zijn, dat hij met de sabel dezen steen bewerkte. Inderdaad zijn op den steen talrijke streepen en kerven te zien. Deze steen ligt nog heden aan den Hoogedijk.

De vijand trok daarna in de richting Drachten en Boornbergum af. Drie der soldaten, die waarschijnlijk van den troep waren afgedwaald, verschuilden zich onder de Poolbrug, waar ze door de woedende boeren gevonden en doodgeslagen werden. Een en ander heb ik destijds bewerkt naar oude aantekeningen, mij welwillend verstrekt door den intusschen verstorven rijksveearts Kijlstra. Uit deze aantekeningen bleek duidelijk, dat hier geen sprake was van drie bisschoppen, doch van drie bisschoppelijke soldaten.

## De Doarpsomropper

D. v.d. Mark

Doarpsomropper juni 1983 nummer 29 & de Bakbrogge juni 2005 nummer 4

# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN

**No moat jimm' ris efkes hearre:  
mei de Doarpsomropper is it misleare  
net, wat de kopij oangiet,  
nee, 't is faaks it âlde liet:  
it sil oan 'e sinten mekeare.**

**Is der remeedzje foar jildpine?  
Soe de bijstân byspringe kinne?  
Moat de bern no har puzzelblêd misse?  
Sil it jild ek foar harren beslisse?**

**Guon sil sizze: "*Lit 'm ferdwine*"  
oaren sil 't tige spitich fine.  
Ien fraach bliuwt der noch yn 'e mande:  
is 't om ús Doarpsbelang winlik gjin skande?**

*+ Aechterhûs te Oudegea yn Smallingerlant. 1725*

## De Gealânswei

Giny Bastiaans

Dichterspaad 2019 - paneel bij kunstwerk Tichtset aan de Gealânswei

Op sa'n moaie moarn op in maitidsdei

rin ik wer nei de Gealânswei.

De hagedoarn stiet yn 'e pronk,

'k hear it roppen fan de hij.

It sânpaad, eltse stien en stap,

binne fertroud foar my.

Sa rin ik stadich de tiid werom

fan it bern op 'e Gealânswei.

Hjir boarte ik oan de wetterkant

fan de feart oan de Gealânswei.

Ik fong de stikelbearskes dêr.

'k Fûn it earste eineaai.

'k Hear yn 'e fierte wer dy stim,

ús mem dy't ropt nei my.

'k Tocht doe, it libben bliuwt altyd sa

fan it bern op 'e Gealânswei.

Der kaam in tiid dat ik sûnder spyt,

weidreau fan 'e Gealânswei.

En ik liet, al hie ik it net troch,

it bern ek efter my.

No kom ik graach wer nei it plak,

dêr't tiid gjin hân op lei.

En ik hear dy heldere laits werom

fan it bern op 'e Gealânswei.

En rinnend oer it âlde paad,

oer de stille Gealânswei,

de ûnrêst dy't my hieltyd driuwt

lit my no efkes frij,

dan fyn 'k wer wat ik tocht as bern:

Der komt moarn wer in dei

mei nije wûnders yn de wrâld

fan it bern op 'e Gealânswei.

## De Grytman

Eeltsje Halbertsma

Uit: Anders Kijken naar de rijkdom van Smallingerlands erfgoed – Smelne's Erfskip, 2019

Ik woe wol dat ik grytman wie  
Sa'n amt stiet my wol oan.  
Dat baantsje is ek gâns net swier,  
En it fertsjinnet skoan.  
It rjuchthûs sit 'er hearlik op,  
Men smooft en drinkt 'er ta.  
En jout mynhear in foarstel op,  
Dan seit d' assessor: "Ja!"

Wol er leaver swije,  
Nigen is faak genôch.  
O, wat binne dy hearen  
Baargen oan 'e trôch.

Har feinten hwaww' s' ek goe'keap,  
Want d' earme gritenij  
Jout jild en dan noch op 'e heap  
In moaie liverei.  
En het mynhear it podagra,  
Is hy fan reizgjen frij,  
In rinner bringt de brieven ta,  
Dy skikt de gritenij.

Wol mynhear út jeien,  
Boeren sjaggelje mei.  
Wa lykje dy sloven?  
Lammen oan 'e wei.

'k Woe dochs net dat ik grytman wie  
Fan 't brea fan d' earme man,  
Sok jild misgun ik him gjin hier,  
De flok dy kleeft 'eroan.  
Sa'n hûnebaas fan 't heech bestjoer,  
Op it lâns tichelwurk,  
Is 'er by alle Friezen oer.  
De heart no by de Turk.

Lied no mar de klokken;  
Alde gritenij wurdt  
In blide deade,  
Sa sjonge wy.

En wol mynhear it wurd ris dwaan  
En falt it praat him siwer,  
Siktaris het er by de hân.  
Dat is syn offisier.  
En is 't ferstân net al te grut,  
Is him de saak net klear,  
De leit him alle dingen bleat  
En sprekt mar foar mynhear.  
Fjirtjinhondert gûne  
En sa'n tsjerkfâdij  
Is in akkefytsje,  
It komt 'er aardich by.

Mar komt er soms jit wat tekoart,  
Hy skriuwt in omslach út.  
En of de boargerij al moart,  
Beteljen is 't beslút.  
Wêr, sis my, is yn 't hele fjild,  
Sa'n hear as grytman is?  
Wa komt sa maklik oan it jild?  
Net ien, dat is gewis.

Kom, myn goede Friezen,  
Ofskou en swij.  
Wês no mar tige fleurich,  
't Sjongen is dochs frij.



In 1717 zijn n de middeleeuwse kerk van Oudega vijf gebrandschilderde ramen geplaatst. Een daarvan is gewijd aan het Haersma-geslacht. De andere vier zijn geschonken door provinciale besturen waarin de Haersma's zitting hadden. Het Haersma-venster dateert dan wel uit 1717, maar het is na successievelijke overlijdens aangevuld in 1735, 1755, 1758 en 1776. Met recht zou dit raam het *Grietmansraam* genoemd kunnen worden, want alle Haersma's op dit raam waren grietmannen van Smallingerland.

Op de achtergrond en in detail: Het Haersma-venster met het alliantiewapen van Livius van Haersma en zijn tweede Huisvrouw Johanna Maria van Wyckel, gehuwd te Oudega op 19 april 1756.

## De Hoop

### Aldegeaster húsfrou

Geschiedenis van Oudega Smallingerland, **Stichting Commissie Oudega 900** 1990 – bij de sluiting van de zuivelfabriek *de Hoop* aan de Fabrykswei 13 in 1966

Wy wiene sa ryk  
Mei ús bûterfabryk,  
Mar nou is it dien,  
Der bliuwt in klomp stien  
Dy't neat mear ús seit,  
Dêr't alles stilleit...  
It docht ús fortriet,  
Dat it wurkfolk nou giet,  
Soks bringt hwat toweech:  
Us doarpke rint leech.  
What âlden bliuwe oer,  
Mei de âlde grize toer.  
Hwer bliuwt sa de fleur  
Dy't it libben jouw kleur?  
Fuoart 'De Hoop' mei syn bûter en tsiis,  
It bringt jin alhiel fan 'e wiis....

## De Postrinner

Hennie van der Velde

De Bakbrogge oktober 1997 nummer 5

De baarnende sinne skynt gleon oer 't fjild  
likegoed moatte sy arbeidzje foar it jild  
Dan sjoch ik se rinnen  
mei altyd goede sinnen.  
It mocht fan harren wol wat kâlder,  
't is seis te hjit foar in folhâlder.

Fleane de snieflokken harren om 'e earen  
op 'e fyts hoege sy it net te probearen.  
Dan sjoch ik se rinnen  
mei altyd goede sinnen.  
Sy fiele harsels as in sniepop gelyk  
en tinke om 'e glêdens op 'e dyk.

As de rein op it asfalt klettert,  
de klean, ja alles rekket ferwettert  
Dan sjoch ik se dochs rinnen  
mei altyd goede sinnen.  
Geandewei, hûs oan hûs  
en sy binne net lokkich mei dizze brûs

Ek sit omtrint ien kear op in dei  
in grutte of lytsere hûn harren nei.  
Dan sjoch ik se wat hurder rinnen  
mei wat minder goede sinnen.  
Oe... wat hiene sy dy hûn,  
minlike graach in bêste wâd jûn

Ik woe hjirmei mar efkes sizze  
dat harren wegen net op roazen lizze  
Ek al sjogge jim se oeral rinnen  
mei altyd goede sinnen.  
It is wier net fanselssprekkend dus,  
dei oan dei, post yn 'e bus.

## Desimber

Antsje Mud

Dichterspaad 2015 – paneel bij zitbankje aan het Oerden paad

Undergrûnsk wrot in mol syn paadsje  
skjin, lit bulstjes farske modder as ripe  
pûsten ta it gêrs útbarste. Wetterkâld

waait in westewyn swart troch de tûken.  
Storein leit in glâns oer it flierkleed fan  
útklaaide beammen. Djip en dridzich spoare

brede trekkerbannen troch it almar hinn'en  
wer karkjen fan stjonkende kuilbult nei  
kôgjende kowebekken. It hiem heukert har wat

troch de tiid. Dizenich de skieding tusken  
ljocht en tsjuster, riuwe de dagen  
oaninoar ta ien lange skimerjûn

## Do hast hjir rûn

Johannes de Boer

Dichterspaad 2016 - paneel bij voormalige Fokke Wietske paad, ingang de Geasten

Do hast hjir rûn

as ik fierder rin

fiel ik dy.

Bist sa ferskuorrend

tichtby.

De wyn is myn tinzen,

it rûsjen dyn stim.

Dit paad is sa folle mear,

as efkes kuierje

## Do seist it mar

Antsje Mud

De Bakbrogge september 1999 nummer 5

lit my dy helpe  
it skyld fan beton  
sekeur  
om dy hinne boud  
ôf te brekken  
mei in mânske moker  
of mei bleate hannen  
do seist it mar

lit ús  
de muorre slope  
sadat 'k dy wer sjoch

op dyn súntsjes klopjen  
komt hoeden my andert  
en ús moeting  
earne healwei

lit my dy helpe

## Doarpsfeest 1994

*De Bakbrogge oktober 1994 nummer 5*

It roun tsjin' e ein fan de fakânsjetiid doe 't der stadichoan yn Aldegea wer it ien en 't oar feroare. Men kaam minsken tsjin dy't men gewoanwei eins nea op'e dyk foarby komt en minsken dy't soms in hiel jier net meimekoar prate, tûgen nei mekoar ta mei tûnstuollen en thermoskannen. Sels ús boer en hobbyplysje Bauke de Bruin seach men ferklaait troch de Buorren gean, en dat koe mar ien ding betsjutte, it doarpsfeest wie ophannen!

It bestjoer fan 'Foarstenhûs en Heitelân' hiene it measte al yn kalk en semint.  
En by de buurtferieningen waard al wakker oer praalweinen stint.

Ek prakkesearre men oer de ferljochting en in earebôge  
en hjir en dêr seach men alris ien dy't mei feestfersiering tûge.

Ja sels yn 't Frysk Deiblêd koe men by monde fan kapper Pruikma lêze  
'De buurtfersiering soe wêr dik ynoarder wêze'.

Sa skrepte elts dy't nocht hie mei  
want ja, nei de fakansje wie it koart dei.

Mar al wie it hjir en der in hiel geskuor en gerop:  
Aldegea wie der 9 septimber klear foar en hie de flagge yn top.

De optocht stie as earste op it feestprogram  
dus moast men der jins bêst wol op dwaan.

De ynset wie der wol, tweintich weinen op papier,  
mar Ja, hoe meitsje jo soks wier?

Aldegea-East wie wakker yn tou  
mei fallen en klemmen, want rotten fange jo net sa gau.  
Al dy rotten om 'e doar it wie in griis  
en dêrmei hiene se ek noch de twadde priis.

De Trijesprong kaam mei 'In Breidspear yn preeel'  
mar is dêrby 'De Bernejister' wol reël?

Op de Arkepôle waard de keunst fan Mondriaan oanlutsen  
dy't foar de sjueryleden boekdielen sprûtsen.

De Gariperwei helle Sneeuwitje der by  
en 'Wanzinnig gedroomd' waard der op 'e Manjepetswei.

It Utein die it mei de Dreambeam ek bêst.  
en mei Marten gyngen se de nacht yn op it Eibertsnêst.

Age Hospes wie in wykein op kosten fan de buurt nei diskoteek 'It'  
want wol men in 'Houseparty' hâlde, moat men wol witte hoe't soks sit.

West-Westersânning soarge foar de kommunikaasje mei Sybe Sateliet  
en 't Rountsje koe harren winsk foar in boartersplak kwyt.

De Opperbuorren wie mei it Feestvarken yn it spier  
en de Bosk brocht ús mei 'Moeders Bonbons' fertier.  
Op de Geasingels wie it troch de renovaasje een bende  
dus dy lienden efkes de 'Flodders' fan Joop van der Ende.

By de Eibertsgeasten sloech Durk Snoch foar master op  
en Súd-East hâlde mei 'Us pompeblêd' Fryslan oan top.

De manlju fan de Deelen spuiten twa wike lang allinnich purskûm  
de froulju wiene op it lêst dûm.  
Se seine: "Jimme binne net wiis!"  
Marre .... de spuitgasten pakten mei de 'Flinstones' wol efkes de earste priis.



Fansels binne der by sa'n optocht ek altiid minsken dy kinne net gewoan  
sa ek dy healwizen mei de sextillefoan.  
Der moat ik neat fan ha, mar jimme hearre my der net oer,  
mar ik ha leaver de Great Haersmawei mei 'Fertier yn de natoer'.

It musyk op de greate wein spile foar âlden en bern  
en dizze kear koene wy harren ek sjen!

Rome stjoerde noch bewaking foar de goede seden, twa dekens 'incognito'  
beide ferklaait as non, elk op in swarte widdo.

De Hegewarren en Heawei-Geasten hawwe wy net sjoen  
of binne dy al yn de Blauwe zône ferdwûn?

Dochs wie dizze optocht in opstekker foar Aldegea, ja tige slagge  
of sa't it Eibertsnêst sei:  
'Oudega, briljant van Smalingerland' mei it wapen fan de Aldegeaster flagge.  
It waar liet him noch wol goed oansjen  
en dat wie fansels moai foar de skoalbern  
Hja hiene middeis op it feestlân in 'spelcircuit'  
der wie foar eltse leeftiid wol in spultsje by.  
Se fermakken harren tige skoan  
en waarden nei ôfrin mei patat en iisko 's bedoarn.

Jûns wie der musyk foar jong en âld yn 'e tinte (sa lek as in koer)  
mar ja der seure jo sa'n jûn net oer.

De kommisje wie oer de opkomst tige optein  
ek al wie it de hiele jûn rein, rein, rein.

It orkest spile lykwols de stjerren hast fan' e loft, mei kar foar in breed publyk.  
En op it lêst hast noch geheime stjoerdermusyk.

Bûtendoar draaide de sweefmûne as in lier  
al moast men sa no en dan mei it laskapperaat yn't spier.  
Om in oere as twa is elts doe wer op hûs ta set  
want ja, de oare moarns moast men mei de seiskamp te set.

Sneontemoarn njoggen oere wist de kommisje harren gjin rie  
alles foarelkoar mar it reinde dat it sawat die  
Healwei tsienen soe it toulûken begjinne  
en ja wier, healwei tsienen dêr wie de sinne.  
Fansels wie elkenien nog net like fit  
mar dochs wiene der wol ploegen mei pit.  
Der waard lútsen fan komsa  
want ja, men woe de tsjinstander fansels yn'e sleat ha.

Sa kaam Johan Stander wol bot yn twastriid te stean  
want binne jo skiep yn twa kampen ferdield, hokker wei hajo dan te gean?  
dit ha wy fan de herder wol leart  
hy giet troch it midden, dus ..... dwers troch de sleat.

Nei 't toulûken gie it op nei it matinee  
efkes bykomme mei in pilske, kofje as tee.

Middeis stiene der 19 ploegen foar de seiskamp ree  
mei prachtige spultsjes, fersoarge troch Albert, Sjoerd en Fre.  
De dielnimmers hiene der wakker nocht oan  
en ek de taskôgers fermakken har skoan.

Sokke spultsjes binne fansels net sûnder risiko  
mar dêrfoar wie de frou fan de EHBO  
Allinnich doe't Luitzen kaam mei in iepen fingertop  
hie Jeltsje krekt efkes in sanitaire stop.  
In papieren bûsdoekje hat Luitzen it libben ret  
en Jeltsje hoegde fierder gelokkich net mei pleisters en gaaskes te set.

De jûns wie it waar wer tige min  
dêrom 'Samar' yn 't Miensker, tige nei 't sin.  
De jeugd gie nei de tinte ta  
mei de 'jukebox' diskoteek fan Bouke Jeeninga

In oere as twa wie it wêr dien.  
en binne de measten mar op hûs ta gien.  
De lêsten giene noch om patat as in kroket  
en de kommisje hat noch efkes de tinte opret

De sneins fersoarge de evangelisaasjekommisje in tsjinst mei iepen doar  
mei lofstem, musyk en bernekoar.

Dit doarpsfeest, wier 't foldie my skoan  
hiene wy te danken oan:  
Bouke, Tineke, Lyckele, Aukje, Roel, Sjoukje en Jan.  
en fansels jimme koene der ek wat fan!

## Dreampaad

Wimke Welling

Niet geselecteerde inzending voor Dichterspaad 2023

*Nim it paad fan dyn dreamen*  
ek al is de wei hiel fier.

*Nim it paad fan dyn dreamen*  
ek al is it ûnderweis wolris swier.

*Nim it paad fan dyn dreamen*  
ek al is de wei net rjocht.

*Nim it paad fan dyn dreamen*  
ek al is it net altyd ljocht.

*Nim it paad fan dyn dreamen*  
ek al seit men do hellest it nea.

*Nim it paad fan dyn dreamen*  
want dizze wei rint net dea.

En mochtest dan nei in skoft oan it ein fan dit paad stean  
dan tinksto grif dit is it moaiste paad om te gean.

## Earlike minsken

Oeds Pietersma

*De Bakbrogge maart 2016 nummer 2*

In man fan de Fabrykswei soe even nei de Buorren rinne.  
Hy let altyd op en sjocht goed om him hinne.  
Oan de kant fan de dyk seach er tot syn grutte skrik  
in ketting en wat ringen en tocht: “Dat is blik”.  
Hy treau it net yn syn eigen klean,  
mar hong it by syn buorfrou yn de beam.  
Dy tocht: “Dit is net fan ûs en fêst gjin kado”  
Brocht it nei Drachten, nei it plysjeburo.  
Mar in hiel tûk jong fanke  
belle de eigenaresse, dy koe wol janke.  
Gau nei it buro en nei in protte gepraat,  
want it wie nammentlik allegeare goud, 18 karaat.  
It wie har út de bûse fallen midden op de dyk.  
Se is no sa wiis as in protter, de kening te ryk.  
Sil der mei in presintsje hinne.  
Mar foaral tige tank oan famylje Akkerman en Binne.

## Fan Aldegea nei Rijnsburg

Kerknieuws, september 2022 nummer 393

De kerkenraad zong op 17 juli 2022 onderstaand lied tijdens de afscheidsdienst van ds. Lydia Veerman-van Dijk

### Refrein:

*Fan Aldegea nei Rijnsburg, fan plattelân nei rânestêd  
Mei bûter brea en griene tsiis hast dêr fêst altyd priis!*

1. Us dûmny giet no nei it westen, de wâlden hat hja wol besjoen!  
Sy sjocht it dêr hielendal sitten, mei man en bern op aventoer.

### Refrein:

2. Sân jierren hasto by ús wurke, korona gie dy net foarby.  
Dat wiene fansels swiere tiden, mar lokkich kaanm alles wer goed mei dy!

### Refrein:

3. Digitalisearing wie dyn grutte passy, it mobyltsje in wichtich gemak.  
De appkes fleagen ús om de earen en you tube krige sneins hiel faak syn gerak!

### Refrein:

4. Och wat koesto faak dingen ferjitte, gau nei hûs of nei d'âlderling ta.  
En ideeën hiest soms hast tefolle, mar dy sille wy misse, o ja, o ja!

### Refrein:

5. It túnkjen sit net yn dyn fingers, jim buorman holp jimme der by.  
En Ebe hat dêr ek gjin nocht oan, mar Henk giet fansels net mei jimme mei!

### Refrein:

6. It lêste jier wiesto fol fan dyn kursus, 'kerk naar buiten' kaam hieltyd foarby!  
Lokkich geane wy dêr no mei fierder, sa bliuwt hjir wat hingje van dy!

### Refrein:

7. En siedzje en plantsje dat kinst wol, dat wie hjir in wichtige saak.  
Dat dochsto yn Gods eigen wyngert, yn Rijnsburg wordt dat fansels ek dyn taak!

### Refrein:

8. Wy binne de tsjerkeriedsleden en sjonge dit liet dizze snein.  
Om jim alle goeds ta te winskjen, en no faor de leste kear it refrein!

*Fan Aldegea nei Rijnsburg, fan plattelân nei rânestêd  
Mei bûter brea en griene tsiis hast dêr fêst altyd priis!*

## **Ferbûnens**

**Hein Westerhof** *gedicht* – **Wieger Paulus** *oorspronkelijke foto* – **Meindert de Boer** *bewerking foto en lay-out*  
Ter herinnering aan de opening van het MFC de Gearrin op 2 mei 2015

**It swart tsjûget fan de grûn fan ús bestean  
oerwelve troch de blauwe wide loftten,  
omfette troch it wetter dat tegearre  
mei de griene greiden en fjilden  
minsken en natoer, smeid ta ien gehiel  
middels in mansk byntwurk fan stiel**

Aldegea,  
Smellingerlân,  
myn bertelân.

Op in hoare simmerjûn  
stoarje ik oer de Muontsegroppe.  
Dêr, dy beammen, de oare kant:  
Smelle Ie.  
Dat reade spultsje.

'k Hear myn oerpake praten, laitsjen,  
nei in dei dreech bodzjen.  
En, as ik skerper harkje,  
de Benedictijner muontsen,  
har fee oanroppend dat al wer fier  
fan 'e kleasterheuvel dwaald is  
en yn 'e Ie de gleone dei ôfspielt.

Dan skuorre de klokken fan  
de âld Sint-Agatha my werom yn 't no.  
Tiid foar in Kâld Kletske  
op it terras fan de Skippersseal

## Flucht

Wimke Welling

Niet geselecteerde inzending voor Dichterspaad 2023

Fûgeltsje yn de loft  
kin ik meifleane mei dy?  
Mei de kop yn de wyn  
fleane de hiele dei.  
Nearne oan tinke  
allinne de wolken om ús hinne.

Fûgeltsje yn de loft ik hâld my goed fêst.  
Fêst oan dyn wjukken en lit net los.

Mar fûgeltsje yn de loft  
bringst my wol wer werom.  
Werom nei myn eigen paad.  
Want dit paad moat ik gean  
al is it net altyd like rjocht.

Dan fûgeltsje yn de loft  
tink ik oan dy en ús moaie flucht.  
En rin ik troch mei in glimk op myn gesicht.

## Frjemde Fûgels

Tekst: ©TbestfabtWest/GT muzyk: de Hûnekop  
Dorpsfeest sept. 2022 – Buurtvereniging it Best fan 't West

Dit is in liet,  
foar alle minske yn de wrâld.  
Wy fluitsje en wy sjonge,  
want wy komme út in hiel bysûnder nêst.  
Dit is It Best van It West mei De Frjemde  
Fûgels,  
en wy fertelle jim allen oer ússels.

Tusken Aldegea en Earnewâld  
leit in plakje wer't ik sa fan hâld.  
Ol binne wy frjemd, it is poer bêst!  
Wolkom allegear yn ús nêst.  
Want wy sille roppe nei de wrâld,  
nei alle minsken jong en âld.  
Ol is in fûgel noch sa frjemd.  
It is wot gek, mar wy binne it went.

Nim Calimero, hy wie ek mar lyts.  
Ja soms, dan is it libben hurt,  
de ien is lyts, de oar is grut.  
't is net altiid earlik, mar reitsje net yn'e put.  
Yn ús nêst, der is gjin ûnderskie  
en dêrom binne wy ek oltiid bliid.  
Nee gjion fûgel is hjir dwaas,  
wille is dy ús de baas.

Sa sjonge wy, sa sjonge wy....

Tusken Aldegea en Earnewâld  
leit in plakje wer't ik sa fan hâld.  
Ol binne wy frjemd, it is poer bêst!  
Wolkom allegear yn ús nêst.  
Want wy sille roppe nei de wrâld,  
nei alle minsken jong en âld.  
Ol is in fûgel noch sa frjemd,  
It is wot gek, mar wy binne it went.

Elk minsk kin Pino, út Sesamstraat,  
leniemienie sti by him yn it skaad  
en Juffrouw Ooievaar fan de Fabeltjeskrant,  
wie punctueel mei ordelijk verband.  
Dan noch Tweetie, die siet gefangen yn in  
koai  
en dot is seker, dot is seker net sa moai.  
Want gjin frijheid mear, dot docht sa sear.  
Want frijheid wolle wy just ek mear.

Sa sjonge wy, sa sjonge wy....

Tusken Aldegea en Earnewâld  
leit in plakje wer't ik sa fan hâld.  
Ol binne wy frjemd, it is poer bêst!  
Wolkom allegear yn ús nêst.  
Want wy sille roppe nei de wrâld,  
nei alle minske jong en âld.  
Ol is in fûgel noch sa frjemd.  
It is wot gek, mar wy binne it went.

Sa, no witte jim út hokker nêst wy komme  
No sa

As jimme in kearke by ús yn de buurt yn it  
nêst sitte wolle

Yn dot hiele waarme nêst

Kom dan in kear by ús op'e kofje

Jimme binne oltiid wolkom

In borrel stjit hjir oltiid klear

Dus as jim in kear toast ha

Kom gerêst in kearke lâns

Seker witte

Dus as jo freegje, út hokker nêst komme  
jo?

Ik kom út in hiel frjemd nêst

Litte we allegear sjonge no, sjonge, no,  
tagelyk

We come from,

We come from,

Wy kom út in hiel frjemd nêst!

We come from,

We come from,

We komme fan it West!

We come from,

We come from,

Wy kom út in hiel frjemd nêst!

We come from,

We come from,

We komme fan it West!

We come from,

We come from,

Wy kom út in hiel frjemd nêst!

We come from,

We come from,

We komme fan it West!

## Gelukkig Nieuwjaar <sup>1</sup>

Feike Wijma; Gjalb Wijmenga; Gré Hofman-de Vries; Jan Kooistra; Annet Jansma; Willie Cruiming-Schonenburg; Miranda Jongma-Vosmeijer

Redactie de Bakbrogge december 2003 nummer 7

Zo, het is weer klaar!  
Dit was de laatste Bakbrogge dit jaar.  
Toch willen wij u te overvloede melden,  
Dingen die de kranten ons vertelden.  
Als alles goed gaat hebben wij in maart,  
In Oudega een mooie uitgebaggerde vaart.  
En ook kunnen we bijna dagelijks dus,  
Weer naar Drachten met de bus.  
Helaas is het voorbijgaand,  
Want de proef duurt maar een maand.  
Maak dus veelvuldig gebruik van dit vervoer,  
En neem, als 't kan, dagelijks een retour.  
Zo zorgen wij er met zijn allen voor,  
Dat de eindconclusie op 't gemeentekantoor,  
Een positief resultaat zal vertonen,  
Wat Arriva en de gemeente zullen belonen,  
Met geregeld openbaar vervoer,  
Voor jong en oud, burger en boer.  
Voor de redactie was achterstallige betaling,  
Niet vatbaar voor herhaling.  
Het innen van achterstallige contributie,  
Is een crime, er is maar één solutie:  
Teken allen een automatische overboeking,  
Dan is voor ons over de bezoeking .  
Ook willen wij u graag wijzen,  
Op de mogelijkheid tot het winnen van prijzen.  
Elke keer wordt er onder de goede inzenders verloot,  
Een echte Bakbroggetas, gevuld met roggebrood.  
Roomboter, kaas en beschuit,  
Maken daar ook deel van uit.  
Dus wordt er weer een oplossing gevraagd,  
Schroom dan niet, uw kans gewaagd;  
Want zo'n volle Bakbroggetas,  
Komt altijd goed van pas!  
Nu, de laatste dagen van 2003,  
Wensen wij van de Bakbroggeredactie,  
U prettige kerstdagen en een gelukkig nieuwjaar!

## Gelukkig Nieuwjaar <sup>2</sup>

Feike Wijma; Gré Hofman-de Vries; Jan Uilke de Jong; Dineke Mast; Swanie Wiersma-van der Veen;  
Joke Jelsma-de Haan en Wieger Lindeboom

Redactie de Bakbrogge december 2007 nummer 7

Sa, dit is de lêste Bakbrogge fan dit jier  
Folgjend jier al 17 jier yn't spier  
Mei nijs, weetsjes en wat net mear  
Foar de lêzers, hieltyd mar wer,  
kear op kear

Soks giet net samar, it kostet protten tiid  
En eltse kear binne wy dan ek wer bliid  
Dat de nije Bakbrogge al wer klear is  
En dizze Bakbrogge ien fol mei sfear is

Foardat de Bakbrogge foar jo leit  
Is der aardich wat foarbereid  
Alderearst de planning, in jier yn't foar  
Dan de kopij, stapels kopij foar de doar

Tsjintwurdich komt it measte yn de  
mailboks  
Dat skeelt in hiel ein, mear fan soks!  
At alles digitaal oanlevere wurdt  
Kin de redaksje lekker hurd

It mailadres is wyls goed bekend  
Dus kom mar op mei jimme skriuwtaalint  
Foar sa út en troch, mar ek foar fêst  
At jo mar skriuwe, fine wy it al bêst!

Dêrnei wurdt de kopij troch ús korrigearre  
Want foutleas skriuwe wol noch wolris  
mislearje  
Ek nei de korreksje ûntsnapt der wolris in  
flater  
Dat jout ús nei ôfrin dan wol in kater

Sels nei dûbele korreksje  
giet it somtiden mis  
Net ien is foutleas, dat is wis!  
Dêrnei komt it swiere part  
Alles pleatse wêr't it moat

Dat jout somtiden swierrichheden  
by de rûs  
It moat dan rêstich wêze yn'e hûs  
Knippe en plakke, it giet der omwei  
Al mei al kostet it mear dan in dei

Dan noch in allerlêste korreksje  
Want wy stribje nei perfeksje  
Dêrnei noch meielkoar oerlis  
En dan is de Bakbrogge sa 't er is  
Hjernei giet it spul nei de printer ta  
En moatte de besoargers  
de Bakbroggen ha  
Dan de Bakbrogge by jimme  
troch de doar  
En dan is alles foarelkoar!

Sa giet it 7 kear yn't jier  
Alle meiwurkers foar jimme yn't spier  
Mei syn allen bokse we it foarelkoar  
7 kear yn't jier, hast fan doar ta doar

Tank, alle meiwurkers tige tank  
Want sûnder jimme rint it mank  
Mei syn allen sizze wy: op folle kracht  
Yn 2008!

Snústerich waar;  
bleisterich, skimerich.

Mei heit syn te grutte orven learzens oan  
swalkje ik troch de stikelige, ôfhaksele maïsfjilden  
mei dridzige plassen en griemerige greppels.

In pear ferwarde kikkerts sykje wrottend nei in oerwinterstee.

Heech boppe my it lûd fan ûnrêstige reismaten  
nei waarmere oarden.

Yn de tizen rekke spinreagen tyskje tusken freding en reid.

De dizige wynmoanne giet oer yn koartsige kjeld.

It skrilte oerlûd fan reeën  
steket yn de brúnstiid oare hitsige bisten oan.

Stramme, brike beammen skodzje it lêste dwerse blêd ôf.

In grouwe griemerij fan wolken lonket driigjend nei de ierde  
wylst in meager sintsje grasjeus har tinne strielen sjen lit.

Reindrippen snjitte pleagjend út inoar  
en skeine de lêste teare asters yn 'e tún.

In grienmank fan pears brúne tinten toveret in oankommende tongerloft  
ta mearke-eftige tafrielen.

Ynienen in wjerlochtslach dy't  
yn in gleone grime fan fjoer de himel ferljochtet.

Nei dizze fassinearjende tsjoenderij in serene stilte,  
in loksillich toanbyld fan magy.

Yn al syn hear en fear paradearret yn de gouden jûnsoere  
it skynsel oer de einder.

Ik fiel my lyts yn dy grutte learzens,  
tink oan heit  
en besef dat ik part bin fan in grimelgrammel oan natoermetamorfoazes  
yn it ramt fan in net te befetsjen wrâldromte.



## **Hoe *De Hoop* de wijk neemt**

Meindert de Boer, 16 oktober 2020

**Achter deze muren  
hebben mensen  
de handen uit de mouwen gestoken  
hun dromen zien uitkomen  
en alles zien veranderen in de loop der tijd.**

**Wij kunnen  
als alles straks gesloopt is  
en hier nieuwe muren zullen verrijzen  
een nieuwe toekomst bouwen  
nieuwe dromen laten uitkomen  
en opnieuw zal er reuring zijn.**

**Maar de verhalen  
die deze stenen hebben gemaakt  
zullen we nooit vergeten.**

# Hoop van stenen

Mark Spijkers

Gemeentedichter Smallingerland, oktober 2020

I

van een hoop stenen  
in een dorp nijver en uniek  
met ambitie in de genen  
bouwde men een zuivelfabriek  
eigen melk naar de eigen fabriek  
van handkracht en stoom  
naar elektrotechniek  
bouwde men de eigen zuiveldroom

II

een fabriek van ambitie  
eindigde als te koop  
voor een kerk en culturele traditie  
It Miensker geloof, liefde en hoop  
het geloof in de zeilen en toekomstgericht  
verscheen ook een bieb een bank, boerenleen  
cultureel centrum avant la lettre werd opgericht  
een thuis voor gemeenschapszin in steen

III

cultuur kreeg een nieuw onderkomen  
en waar nu nog de stenen van hoop kwijnen  
zal de ambitie blijven stromen  
zal een nieuwe droom verschijnen  
en omdat de toekomst ons nooit bedroeg  
zien we straks een nieuw havengebied  
en aan de tap onder Welling's toezien oog  
ziet men: in Oudega slapen dromen niet

## Huismoeders

H.H. de Jong Jr.

*Advertentie winkelier it West 53*

Huismoeders,  
laat u niet misleiden door bluf, maar  
zoekt uw voordeel!

Wilt gij worden en blijven van mij klant  
Dan ben ik zo vrij en verzoek: betaal contant.  
Zoekt daarin dan Uw voordeel,  
Dan zijt gij zeker dat ge hebt betaald, en niet te veel.  
De prijzen zijn dan ook van zulk een aard,  
Dat ge zegt: dit is de moeite waard!  
Ik verwacht gij zult er niet mee dralen,  
Om bij mij te koopen en te betalen,  
Wat voor mij is een gemak  
En gij houdt er centen door in de zak.  
Er er komt geen abuis en geen wanbetaling,  
Waar ik zoo vaak om krijg een maling;  
Dat doet mij leeren  
Om zo iets te probeeren.

Aanbevelend,

H.H. de Jong Jr.,  
Winkelier Oudega (Small.)

## In Jannewaris dei oan de Wide Ie Wijde Ee

Siets van der Woude ± 1951

Facebook van Paul J. Vanderwood Canada 2023 – gemaakt door zijn moeder Siets van der Woude ± 1951

Mem en Heit had the 'botter', the houseboat on the Wijde Ee. When we were children we swam at 'it poelsj' at the sandy beach.

It wie sa stil om jin hinne, it waeide net,  
de reidtsjes rûsden net, sa as soms yn de simmer.

Forskate lânnen stienen noch ûnder wetter, oare wienen al wer droech  
en dêr stienen de dotters al mei de frisse griene bledden.

In griene tsjalk pufte foarby,  
heech op de weagen, hwant hy wie leech.  
De sturman lichte efkes de hân op, ta groet.  
De weagen rounen út yn de kant van de wâl,  
dy't bilein wie met losse protsjes ôfbrutsen brún reid.

Earst wy it dizich oer de fjilden,  
mar efkes letter kaem stadichoan de sinne troch de grize wolkjes,  
en doe waerd alles yn ienen oars,  
it reid goudgiel, it gjers grien,  
en yn de fierte op it oerstreamde lân sylden ynwyt in stikmennich gouzen.

Dêrby de beamwallen,  
in hinder yn it lân en fierderopde âld toer fan Aldegea,  
alles stile n fredich.

Yn 'e fierte roun in muddefanger mei de leppe op 'e rêch  
en syn bijke njonken him.

Togearre sieten wy stil to sjen en seinen neat,  
dit wie ús genôch.

## It âld Smelne Geaster Paradys

Winfried Bruinsma

Dichterspaad 2015 - paneel bij ingang Goudtsje paad aan de Eastersânning

Oan'e Skieppekampen is in boskje, ien hektare grut  
Dêr wennet Tomke mei syn frou, yn in nêst mei't lytse brut  
It paradys hat as skepper de boer: ferslacht de beammen, hy is god  
Dy god besegelt hjir it lot, en Tomke's aventoer

Tomke skarrelt syn kostje op tusken toarnebeitûken  
En boskarbeiderkofjebekers dêr't se sprongen om'e stûken  
Yn't slachfjild binne noch mear beammen merke om te seagjen  
Om't opskot foar te wêzen tink, net om it nêst te pleagjen

Elts jier op'e nij is it de fraach: hoe sil't mei't paradys beteare  
Hokker beammen yn dit Tomke-Eden sil god hjir fúsijeare  
Yn't kleare ljocht dat hy dan skept, dêr kin nij libben tiere  
En alle Tomkes mei wipkesturten it libben prachtich fiere

**it Kistke**

**Bartele de Boer** foarsitter toanielferiening  
De Bakbrogge maart 2018 nummer 2

"Op 'e Nij Bigoun"

Aldegea

Oan alles komt in ein tocht it bistke,  
Sa ek mei de foarstelling 'it Kistke'.

Bliid as in protter wie Omke wer thûs út it tehûs,  
Syn maten wiene de flesse, ratten, moai yn syn eigen hûs!

De famylje soe del komme, op besite by omke,  
Mar alline fan Piter krige der in blomke.

De famylje stjoerd in maatskiplik wurkster op syn dak,  
mar omke set Sibela blanche de le Ventre fuortdaliks te plak!

Hy betinkt in snoad plan,  
en bearde dat er yn it sikehûs lei,  
seit tsjin Jeltsje,  
fertel de famylje dat it kistke no iepen mei.

Jan bliid, kriget omke syn klean,  
string woarstjes en bier,  
Jantsje is liik, krijt neat  
en koe wer net betelje it gas, it ljocht en de hier!

Notaris har wurk sit der op  
en sil ôf troch de êfterdoar  
wilens steane Omke en Jeltsje by it efferút  
en tûtsje elkoar.

Utfierings: 2, 3, 9 en 10 maart

Rezjy: Wimpy de Vries

Wat hawwe wy in protte wille hân,  
as groep it ôfrûne heal jier.  
Mar ek wilens en nei de foarstellingen  
ûnder it genot fan in fleske bier.

Hy krige besite fan de thûssoarch,  
dy makke it wer skjin,  
Omke seach it oan en tocht,  
it is ek wol in lekker ding!

Omke mast mar gau wer nei it tehûs  
sei de famylje yn koar,  
mar omke waard liik,  
stjoerde se der út, troch de efterdoar.

Dan komt de hiele famylje wer del  
om mei omke te praten  
se wolle him werom ha, nei Drachten,  
mar dat hat er gau yn de gaten.

Notaris kaam del mei omke syn testamint  
en lêst dit foar,  
de famylje tocht no krije wy it jild  
en ha we it foarelkoar!

Foar Metsje binne tsjerkeboek en almenak,  
wat is se bliid,  
Kees woe alles, krige allinne de pet  
en feren dizze kear de striid!

Elkenien wurdt betanke, foar de help, dekôr,  
ynstekken, en rezjy,  
Oant folgjend jier,  
dan binne jim der hooplik ek wer bie!

Foarferkeap kaarten foar € 10,00 (kontant) fan 15 febrewaris ôf by  
Handelsonderneming JDV Sânbuorren 1 Aldegea

Maandag en woensdagmiddag gesloten. Zaterdag tot 16:00 uur

Oan 'e seal kaarten € 12,00.

## It rjocht dat sprekt

Hindrik Riemersma

Dichterspaad 2015 - paneel bij kunstwerk *Livius* aan de Skeane Heawei / de Geasten

de oanwaaks fan folk  
't ûntstean fan rang en stân  
brochten ûnienichiet, oergeunst  
hate, niid  
en dermei minskelike striid  
dêr foel neat rjocht te praten

it oardiel fan it folk  
dat rûnom sûze  
in fonnis  
dat troch de beammen rûze  
elk spruts sa eigen rjocht

de oerheid krige d' oerhân doe  
de Grietman spruts!  
spruts rjocht  
rjocht oer it kweade  
koe dêrmei faaks  
de twaspjalt keare

F:W:J7

38EM

IUSTITIA

## It snoade fanke

### Wimpy de Vries

De Bakbrogge september 2005 nummer 5

Yn it winterskoft 1998 / 1999 hat Wimpy de Vries, jo witte wol, yn it boekje *Healwei Akkrum en Aldeboarn* wat foardrachten fan syn pake silliger optekene. Dat wie nog een hiele toer want pake hie neat opskreaun. *It snoade fanke* is ien fan de foardrachten.

Yn Snits dêr wenne in fanke  
Dat hie ferlet fan bân en jern.  
Hja gie nei keapman Franke  
Om it ien en it oar te sjen.

De keapman seach sa blier  
It moai oanfallich kopke.  
En hja draaide oer de flier  
As in jongestopke.

Hy seach ris nei har snútsje  
En sei: "*Om't jo it binne  
Foar elke jellen in tútsje.*"

It fanke stie ferlegen  
Mar joech dochs ta  
En sei mei tichte eagen:  
*"Dan moat ik mar tweintich jellen ha."*

De keapman fluch oan 't knippen  
As in kûgel út it gewear.  
"Gean," sei hy, "*mar efkes sitten  
dan meitsje ik it jo klear.*"

Doe gong er nei it fanke ta  
En soe syn tútsjes helje.  
Mar it fanke sei: "*No sit it sa,  
Ûs beppe sil it jo betelje.*"

## Jan Durkspolder

Marten Jans

De Bakbrogge juli 1999 nummer 4

*Oudega heeft een grote veenbaas gekend, Jan Durks de Jong. Hij liet een gebied van 65 ha. ontvenen. Jan Durks de Jong, geboren in Earnewâld, was naast veenbaas ook nog schipper en winkelman. 's Zomers woonde hij met z'n gezin bij het veen en had daar een winkel. Het vervoer van de turf naar Holland deed hij in eigen beheer evenals de verkoop van de turf in de steden. Het gebied is in de periode van 1869 tot 1873 verveend. Er kwamen steeds meer geluiden dat de verving kostbaar hooiland veranderde in waterplassen, rijke ouders - arme kinderen. Marten Jans, veenarbeider in Lippenhuizen schreef in 1767 het volgende:*

En buiten Oudega, dat moet Ik niet vergeten;

Daar men van Jaar tot Jaar, de Poelen groter maakt,  
Tot dat het Hooi-land daar, mee gants vergraven raakt.

Gaan wij weer daar vandaan, ons na Bornbergum keren

En daar wat buiten 't Dorp; za/'t mede niet ontberen,

Aan putten menigront, omset met met en Bies:

Voor 't Vee en Meijer beid, een magtig Land verlies.

Besien wij dan bij Beets, de zo genaamde Frisschen,

Daar eertijds Weide waar, door zwemmen nu de Visschen.

En als het Land is weg: dat Roemrijke gewin:

is Ligt verdwenen mee; uit veeler Huisgezin.

Wat zal het Water dan, tot nut ons Landen geven?

Waar is al't voordeel dan? zo hoog geroemt gebleven?

De Boer vermist zijn Land; het Arbeidsvolk vertrekt.

## Joech ik dy wurden

**Meintsje Brouwer**

De Bakbrogge septembar 2011 nummer 5

Onderstaand het gedicht in het kader van het Keppelfeest *Keppelfreed*. De eerste zin van het tweede stukje *grote letters* stond op 60 vlaggen die in het dorp waren opgehangen.

Do Hegewarren, hoe soest my hoeden yn dyn  
skurte nimme, mei my dyn grien ferline diele,  
dêr't in ljochte feint syn fuorgen streekrjocht  
nei dyn einder brocht, as ik dy wurden joech?

**Hoe soest my yn dyn fûgelsangen fange, my**  
bringe nei de slomjende âld headamssleat?  
In skier byld soesto my jaan en yn 't foarbygean  
achteleas sizze: Sjoch, dat wie jim heit....

sa hearde ik net syn learzens souskjen  
yn 'e wiete greiden, seach ik gjin eine-aaisykjen  
yn 'e rûchte fan dyn polderlân, net dat er yn in lins  
healoere yn 'e lijte kofje út 'e koperen tsjettel naam....

en soe syn lok, syn thús net priuwe.  
Dyn rêst, dyn bliere wezen, soe net ta my driuwe,  
net sasto no ynmoedich yn my kringst en  
wurdleas heite jonkheid by my bringst.



## Knikkerisje

Eppie Bosma

De fisj op âld en nij - de Bakbrogge november 1993 nummer 6

Yn dizze tiid fan it jier  
as de measte minsken binnen sitte,  
begjinne de skoallebern blier,  
hiele dagen mei knikkerts te sjitten.  
Foar skoalletiid, yn it skoft en ek dernei,  
lizze hja de knikkerts op 'e rige, eltse dei.

It knikkertsjen dogge hja mei fêste hân  
en dy bern ha in grut ferstân!  
Want fine jo it net in hiele toer  
de knikkerts útelkoar te hâlden?  
De 'fiskjes', 'rol' en parelmoer,  
de 'olie', 'spetters' en fan 'klei' de âlden.  
Sels in 'regenboog' rollet prachtich  
nei in 'sipel' op it plein.  
In 'smurf' tikket tsjin in 'trochsichtigge' oan.  
Dat is dikke winst fan 'e moarn.  
It giet hurd om hurd tusken de maten,  
mei 'wytsjes', 'blautsjes' en 'piraten'.  
In 'turtel' is wol fyftsjin tegels 'waard',  
folle mear as in 'parel' of as in 'kûgel' op it paad.

Kinne jo se noch utelkoar hâlde?  
It ferbjustert de measte âlden.  
Al dizze soarten ha ek noch in ferskillende maat,  
der wurdt oer mini's, gewoane knikkerts, bakkerts,  
oer mini bakkerts, reuze reuze en gewoane reuze praat.

Pikke jo de knikkerts mei de pink?  
Neffens de spulrigels is dat behoarlik link,  
want dan dogge jo oan 'rotsoai'  
en de measten fine dat net sa moai.  
*"Dat is net earlik"* sizze hja.  
Kinne jo it noch folgje sa?

It is in hiele toer sa't ik al sei,  
mei sa folle soarten op in 'rij'.  
Mar ik ha noch al wat 'fan doe destijds' opfong,  
der is neat feroare oan'e knikkertspong.

Op 'e Hegewarren,  
is in wat 'oars as oars' barren.

As ien in poppe krigen hat,  
sil ik jim fertelle wat der bart.

As se in jonkje krigen ha,  
dan geane net de froulju, mar de manlju der op ta.

Se meitsje der in praatjûn fan,  
en as it tiid is foar de poppe, dan giet dy fan man nei man.

Dus in famke is foar de froulju,  
en in jonkje foar de manlju.



Foto: Wiebe Jouke fan Bouwe en Jannie Elzenga

## Lânskip fan har libben

Antsje Mud

De Bakbrogge juli 2000 nummer 4 & De Bakbrogge januari 2004 nummer 1

ik sjoch har gear  
lyts suske oan' e hân  
op bleate fuotten  
rûngear op it jiskelân

útkoarre smoargens  
delsmiten troch de stêd  
se is dêr eltse dei  
krige wer net sêd

mei eagen grut en brún  
wat fodden om'e lea  
earnstich siket hjâ  
dêr't it stjonkt nei de dea

**siz my, famke**  
**do, altyd op 'e strún**  
**wêr dreamsto fan**  
**op dy bulten pún**

is it fan boartsjen  
fan iten by de rûs  
fan lêze en leare  
wenje yn in echt hûs

binne it de soaps  
dy'st soms sjochst op t.v.  
in ûnechte wrâld  
dêrfan hast gjin idee

**'k wit it famke**  
**do dreamst fan letter**  
**fan alles like moai**  
**en alles folle better**

sûnder spul thus  
mei in mem en in heit  
dy't ekris leaf is en  
wat aardichs tsjin dy seit

mei dyn tsien jier  
it dreamen net foarby  
't is dyn rêding  
't skuort dy troch de dei

**toe mar, famke**  
**dream do mar fan letter**  
**fan alles like moai**  
**en alles folle better**

## Limmerick

Gemaakt tijdens de *Taalstriid kwis* van Radio Fryslân op 30 december 1992 tussen Oudega en de Tike. De 4 mensen in de studio werden ondersteunt door een thuisfrontgroep in it Miensker.

De Tike                      Der wie ris in bakbrogge op âldjiersdei

Aldegea                    Dy sei: "*Nei oaljebollen bin ik slij,*

Aldegea                    *Mar dochs hoppe alles,*

De Tike                    *Ik wit dat it mâl is,*

De Tike                    *Doch mij in foreltsje der bij".*

## Ljochtmoanne

Antsje Mud

Dichterspaad 2015 – paneel bij ingang voormalige Fokke Wietske paad aan de Geasten

Mei de fine winterwyn  
tsjin, fyts ik de útbuorren  
yn. Griis ljochtet de dyk.  
Swarte inket printet  
de kontoeren fan in rige wachters;  
wylgen mei kreas keal skearde  
koppen yn donkere ets.

Fol en gol stiet it wolkom  
withoe heech. Tiid is neat yn dizze  
lichte nacht fan ljocht en suver  
lûd. Stil. Mear as genôch is my  
dit allinne wêzen. Litte myn trapers  
de tsjillen ûneinich troch gean.

## Maat

Eric Hoekstra

Dichterspaad 2016 - paneel aan de Wolwarren bij windmotor Barfjild

It bûnzjen fan myn bloed beharkje ik  
dravend oer it fraaie dichterspaad,  
en it tik-tik fan myn hert en it wik-wik  
fan it tinken is myn maat.

Fan minsklike ûnfolsleinens komt besef  
om't ik net hurder draaf of better tink.  
Bin ik wol goed, bin ik soms lef,  
bin ik, as dy-en-dy, wol like flink?

Wat hat it universummei my foar?  
Wêr sit myn reade holle po te brieden?  
Moat ik mysels net wêze mar in oar?  
Ik wit it net. Myn libjes is myn rieden.  
Ik gean der op dit dichterspaad mar foar  
en lit my liede troch de Aldegeaster mieden

## Maitiidsmimeringen

Froukje de Vries-Galema

Dichterspaad 2016 - paneel aan de Headammen bij ingang wandelpad van Fryske Gea

in tuorrebout aait tsjin de reiden  
de titelroazen laitsje yn 'e wâl  
it kikkerdril begjint te wrotten yn it kroas  
de lamkes bokke-springe yn it farske lân  
in jerk buorket tusken it opkommende piipkrûd

it dwerspaad noeget de kuierder út  
in bliere fytser stekt de hân omheech  
in fûgel jout antwurd mei har suverste sang  
it tou om de hikkepeal is ferware

nuete reeën eamelje oerdei mei it minskdom  
en slûgje yn de pear oerbleaune beamwâlen en it strewelleguod  
in noflik reintsje faget de natoer kreas skjîn  
de âlde toer glimket yn it jûnsrea  
de sinne jout har del, it skimert yn Aldegea

## Max

Trudy Kuipers

De Bakbrogge februari 200 nummer 1

It begûn al doe 't ik seis jier wie  
ik koe der neat oan dwaan  
mar kaam ik by in hynder del  
dan moast ik it in aaike jaan  
in klapke op syn glêde hals  
in streakje oer syn snút  
en kaam er dan noch tichterby  
rôp ús mem "*gean wat efterút*"  
Myn aldergrutste winsk wie doe  
in pony foar my allinne  
mar heit en mem dy seine dan  
wêr moatte wy der mei hinne  
wy ha gjin lân en ek gjin stâl  
hoe wolst der dan op passe  
dyn heit is ferver en gjin boer  
set dy dat mar út 'e plasse  
mar dat wie gauwer sein as dien  
ik koe it mar net ferjitte  
der wie mar ien ding wat ik woe  
'k woe op in pony sitte

**Doe** hie 'k myn jierdei, ik waard acht  
ik wie de wrâld te ryk  
mocht fan us heit en mem  
nei ponyrydles op 'e Gordyk  
op sneon gie heit der mei my hinne  
dan mocht ik op Twix, Beauty as Like  
it oerke wie dan samar om  
en moast ik wachtsje wer in hiele wike

**Doe** 't ik tolve wie kaam Max  
Och wat wie ik bliid  
fan boer Willem mocht 'k him fersoargje  
'k hie foar neat oars mear tiid  
eltse oere dy 't ik frij wie  
wie ik by Max yn 't lân  
ik boarstele en poetste him  
sa krigen wy in hechte bân  
stean ik no by de hikkepeal  
en heart Max dan myn lûd  
dan draaft er daliks nei my ta  
dat docht my dan sa goed  
hy kriget dan it sadel op  
de bine om en 't bit  
sa geane wy der tegearre op út  
en meitsje in bûtenrit

**No** bin ik âlder en hast grut  
en krij al hynderles  
ik draaf en fjouwerje yn 't rûn  
en spring oer eltse hindernis  
nei de ein fan eltse les  
bring ik him op 'e stâl  
wy koezje wat, hy kriget hea  
'k bin mei hynders o sa mâl  
mar it alderleafste bliuwt myn Max  
foar him gean ik troch 't fjoer  
myn pony, myn grutste kammeraat  
mar hy is fan Willem Boer

## Meer licht gevraagd

Een bewoonster van Oudega  
Drachtster Courant 1967

In Oudega daar ligt een weg volslagen  
in het duister·

In Drachten daar is het niets  
anders dan luister:

Gekleurde tegels, plantenbakken  
en veel licht,

Menig buitendorp dat daar  
voor zwicht!

Het is hier in de winter stikkedonker  
tussen struiken en bomen

Kan daar nu ook eens  
verandering in komen?

Met twee lantaarns erbij

Waren de bewoners van de  
Heawei vast heel blij!

Ga eens met PEB erover praten  
en mogen de financiën

het niet toelaten,

Er staat, meen ik, één

teveel aan de Gariperwei!

Laat ze daar één weg halen,

dàt kunt u toch wel betalen?

De winter staat weer

voor de deur,

dus heren daar in Drachten

stel hen niet teleur!

## Melkerstiid

Hennie van der Velde

De Bakbrogge mei 2001 nummer 3 - Nei oanlieding fan de tongblier

It is wer melkerstiid  
De alderlêste kear  
Ien foar ien troch d'hannen  
It docht ôfgryslige sear  
Faak stiet hy efkes stil  
Elk bist hat syn ferhaal  
Hja bin net altyd noflik  
Mar wol sosjaal

Hy siet de hiele nacht  
Yn syn waarme stâl  
Tusken de grutte eagen  
't Gesnúf en it geâl  
Hy sjocht nei Klaske 14  
Dat is noch ien fan Bets  
Sa kin hy elk by namme  
Mar begripe, docht er it net

De containerauto's  
Stean by him op it hiem  
Heech tsjin de blauwe loft  
Giet syn fee, ien foar ien  
It roppen fan syn bisten  
De pine yn syn hert  
It is net te fernearen  
Hy wie net iens besmet

De stilte is te fielen  
Yn 'e lege, kâlde stâl  
Twifels yn syn eagen  
Moast it no sá mâl  
Ekonomyske belangen  
En om ien of oare wet  
Wurdt wer in bedriuw romme  
Begripe, dat doch ik net

Begripe, dat wol ik net

Begripe, dat kin ik net

It is wer melkerstiid .....

## Muziekvereniging *Looft den Heer* 100 jaar

### Johannes Aeltsje

Betinking oer de jierren 1904 oant en mei 1974

Christeljike muzykvereniging *Looft den Heer* was in 2004 100 jaren jong. Dit is op een grootse wijze gevierd. Hieronder volgt in zeer grote lijnen de historie tot 1974 in dichtvorm.

Feestfierende feriening, achte oanwêzigen,

Hea, sille jimme wol tinke, wat hat se nei foaren te bringen?  
Sa'n âld hynder kin ommers net mear yn'e stringen.  
Fansels, soks is de bedoeling ek net,  
mar 'k bin der troch de foarsitter núver foar set.

Hy frege sa moai guodlik: "*Hoe soe't sitte, Aeltsje,  
ha jo foar ús muzykfeest straks ek in forhaeltsje?  
It sit sa, ús korps hat no 70 jier bestien,  
en jo hawwe soks wolris faker dien*".

No hat de muzyk wol de leafde fan myn hert,  
dochs sa'n opdracht; 'k sei "*Jonge, dat wit ik net*".  
Mar Wiebe sei "*Dat falt wol ta,  
jo fertelle mar wat fan de oprjochting en sa*".

Hawar, ik sei op't lêst: "*k Sil besykje wat ik kin,  
mar dan moat ik earst wol efkes de âlde notulen sjen*".  
Ho mar, wat wie 't gefal, se hiene gjin letter op papier.  
Doe siet ik wol efkes mei de hânnen yn it hier.

Oprând of noait wat noteard? Net ien fan de leden dy't it wit.  
En de oprjochters libje net mear, dus waerden wy net gewaer hoe't it einlik sit.  
Hawar, 't keal moast strûpt, dêr wie neat oan te dwaan.  
Doe de ien' en d'oare mar útfreegje, om wat ynformaasje te jaen.

De âlde Aldegeasters liet ik de revu passeare.  
De âlde harsens op folle toeren wurkje litte, dat moat men dan prebeare.  
Ik tocht faek: 'dy en dy hawwe der fêst by west, dat kin net oars'.  
En dan mar wurkje mei in speurdersnoas.

As der noch bern fan wiene, dan dy alris freegje:  
"*Witte jimme fan jimm' heit ek noch it ien en 't oar?*"  
En al sa njonkenlytsen krige ik in spoar.

Alde Jan Meenses Tjeerdsma ha'k ek noch ynterfieuwd 88 jier is hy noch unyk.  
Wist der noch wol wat fan, mar hie de oprjochting net meimakke,  
want sels wie hy net by't muzyk.

De dochter fan de earste direkteur brocht in bytsje oan it ljocht,  
oangeande de tiid. Hja sei: "*It wie yn 1904, doe hawwe se Pa oansocht*".

It doel wie in korps op te rjochtsjen, as soks los rinne koe,  
en as master dan direkteur wurde woe.  
En doe't dy goeie man de tasizzing die,  
om it earst te prebearjen, doe wiene se út de rie.  
Dochs wie d'r earst hiel wat oan foarôf gien, want it wie yn 1903, doe't hjir in skoalfeest wie.  
En it korps fan Garyp hjir kaem te spyljen, wat guon mar min oanstie.

Hja seine: "*Ut in oar doarp komme te spyljen, moat dat sa?  
Kinne we hjir sels net in muzykkorps ha?*".

Gefolch wie: saterdeis yn de skearwinkel by Hindrik Herder is de saek goed bebekke,  
't plan naem al fêste foarmen oan, in stik of tsien, tolve, dy't d'r efter stiene, en sa binne se útein rekke.

Hja wiene doe wol sa wiis  
en gongen net oer ien nacht iis.  
By de doarpsgenoaten mar wat jild ophelle,  
en wat d'r te min wie, hat Petrus Tjeerdsma út eigen bûse betelle.

't Wie mear in 'renteloos voorschot', hja moasten fansels wol ôfbetelje.  
Hy koe't jild ek net fan de dongbult helje.  
Doe't it safier wie, koene se wat ark bestelle.  
Dat ha se letter op boereweinen fan Nijegeasterhoek ôf helle.

In pear pistontsjes, twa bugels, in bariton, twa alten en ien bas.  
Dan wie d'r ek op de wein  
in greate trom, der hat Steenbeek fuort in roffel op slein.  
It wie safier, hja koene los,  
doe't elts dan miende wat foar him it gaedlikst instument wie,  
en master Van Dijk nog wat oanwiizings die.

Dûmny Prins wie ek oanwêzich op de iepeningsjoun,  
sil by himsels wol toch ha: "*Hie Jubal mar nooit dat ark útfoun*".  
Hy joech letter as kommentaar: "*Ik heb er geen verstand van, maar dit weet ik wel,  
't leek meer op het loeien van de koeien, dan op muziek en snarenspeel*".

In bestjûr moast d'r ek nog komme, dat hearde ommers sa.  
Nei wat hin' en wer praten soene se it sa mar ha:  
Master Van Dijk soe foar it ploechje stean.  
It foarsittersskip waerd Hindrik Herder oanbean.

Folkert de Haan,  
soe it skriuwwurk dwaen.  
Dat kaem ek wol klear;  
Hy hie ommers in bulte it poatlead efter 't ear.

En Petrus Tjeerdsma soe oer de jildpûde gear.  
De post 'In- en Uitgaven' ha se nooit wat oer heard.  
As d'r al ris te min wie, dan hie hy d'r sels mei rêd.

It wie doe in 'ongeschreven wet'.  
As't goed gie, feroare men net.  
Wat soe't betsjutte om altyd te stemmen,  
as d'r wat wie, dan trape de foarsitter op de remmen.

't Earste healjier wie wol it minste, hja learden wol wat, mar 't wie sa dreech.  
As't oan harsels lei, of oan de dirigent, wit ik net, mar hy hie de toanljedder te heech.  
It hat teminsten net iens twa jier duorre doe ha se master Marra út Drachten hawn.

Dy wie foar de measten ek wat te mak.  
Nei 'k heard ha wiene beide masters foar de klasse mei bern better op hun plak.  
Mar hja wiene it nog net ôfleard  
en hawwe it wér mei in master prebeard.  
Hoe lang dat duorre hat wist net ien.  
Hy stie yn Garyp oan skoalle, mogelijk is er earne oars hinne gien.

Doe hawwe se in jonge dirigent hawn. [Folkert Wijmenga] Dy learde it kûpersfak,  
mar as der ien syn bêst net die, dan wie hy lang net mak.

Dy hie se al gau sa goed filere.  
Foar de earste kear nei in konkours ta en ek noch in earste priis.  
Mar ..... der gongen strafpunten ôf, wie 't net raer.  
Hy hie de muzyk goed yn 'e holle, mar net op de lessenaar.

De humor siet der lykwols ek wol yn.  
In optocht troch it doarp, ûnderwilens in fleurich marske spylje,  
ha se foarhinne wol gauris dien.  
Soks hat yn dy tiid de doarpsgenoaten wol oanstien.

Op ien fan dy tochten is't ek alris bard:  
ien soe de tromme op 'e rêch ha en der hiene se lytse Roel Vlietstra foar útkard.  
Jan Aukes de Boer [senior] wie de tromslagger, dy koe der wat mei,  
Hy sloech lytse Roel met trom en al oer de wei.  
Hja rekken doe wol efkes út 'e pas,  
mar Jan skode it prûmke nei de oare kant en roffelde der wer op los.

In 'strafmaatregel' hiene se destiids ek al fan heard.  
Hja moasten soms by feesten en sa ek op'e tinte spylje. En kamen se dan net,  
dan moasten se in ryksdaalder bitelje.  
Mar Wiger Kooistra en Tsjibbe de Jong woene wol ris wat oars úthelje.  
Dy naemen dit beslút,  
*"Wy betelje de knaek fuort mar foarút".*

't Wie destiids net in greate ploech en priizen helje wie wol in toer  
Sneins stéfêst by Hindrik Herder yn de tún oan't spyljen  
en hja hiene der wol wat ynspanning foar oer.

Yn 1908 hawwe se it earste findel krige,  
der kamen de médaljes oan, al wie 't fuort net in lage rige.  
Doe kaem de oarloch fan 1914 - 1918.  
Direkteur en guon fan de leden moasten opkomme.  
Us korps rekke op'e side en yn 'e slomme

Yn 1918, miskien ek wol wat earder, koene se wer fierder gean.  
Nei 'k mien, troch Earnewâld, waard har doe de hiele besetting oanbean.  
Dêr waard dat spul net mear brûkt,  
't saakje wie der opdûkt.

En om se yn de reiden to hingjen, wie to gek,  
want hjir wiene se dat ark wol brek.  
Ek kamen der wer nije leden by, der wie foar elts no wol in hoarn.  
Sa krigen se wer in aardige besetting, elk hie der wol nocht oan.

Se hawwe yn dy tiid, mei de leden fan it bûterfabriek 1920  
ûngefear nei Grou ta alris in boattocht makke.  
It gong dy deis wol wat need,  
mar rydt elts yn de jonge jierren net ris in skeve reed?  
Hja wiene, seine se, net beskonken,  
mar hiene wol tofolle wetter út de mar dronken.  
By oankomst dy jouns binne der guon oer de planke krûpt,  
oars wiene hja mûlk wol fersûpt.  
Hja blaasden doe ek noch in wals

mar né, wat klonk dat fals.  
't Wie omtrint middernacht dat Steenbeek noch oan't tromslaan wie.  
't Bloed rûn him by de hannen del. d'Oaren wiene al nei hûs.  
Hy hie der neat fan yn 'e gaten, dat er der allinne stie.

Yn 1921 waard der yn Hoarnstersweach in nije skoalle iepene  
en 't hoofd waard dy deis ynstalleard.  
Us korps derhinne op útnoeging en foar oplústering, soks ha'k wer fan ien fan de leden heard.  
Om't master hjir as ûnderwizer oan skoalle stie,  
en syn frou kaam hjir ek wei, dy't in suster fan Jacobsma's Janke wie.  
Derom koene se slim foar dy eare bedanke.

Mei de tram oan Lippenhúzen ta,  
dêr moasten se oerstappe, ja.  
Ds. Kruiswijk makke de reis ek mei.  
Ûnderweis wie 't, dat er tsjin de mannen sei:  
*"No wurdt jim strak fan my in kop kofje oanbean,  
mar brûk dan hjoed gjin drank, lit dat spul leaver stean".*

Hja setten doe op 'e herberch ta.  
Dêr soene se de gearsit ha.  
Mar doe't hja deryn kamen, wa sieten doe al op in kruk?  
Gelf Elzinga en Jelle Poepke,  
dy sieten doe al oan it twadde sûpke.

Wer gong it dy deis tige mâl,  
hja wiene ienkear fan 'e stâl.  
Yn't lêst songen se yn koar: *"Hup Aldegea hup!"*  
Wa soe't hun kweaôf nimme, der wie doe noch gjin Up  
Fansels gong it altyd sa net.  
Wy hawwe ek wol fan oare dingen heard.

Yn 1923 nei Donkerbroek om ds. Prins in serenade te bringen.  
by't 25 jierich ambtsjubileum, doe bleaunen se wol yn'e stringen.  
Hoe goed as dat dy man doe die,  
dat al yntiids it korps út Aldegea foar him stie.  
It wie dan ek in moaie dei.  
Út tank krigen se doe in moai poepke jild mei.

Yn't selde jier fertrok ek Wymenga.  
Hy sette mei't jonge wyfke nei't Haagje ta.  
Likernôch fiif jier hie er foar it ploechje stien.  
Dêrnei hat Hindrik Douma 't in foech healjier dien.

En doe hat V.d. Helm it besocht,  
der kaem al gau in kink yn'e kabel en derom waard Gelf Elsinga oansocht.  
Kennis fan muzyk stie by dy knapen wol heech,  
mar soks wie de measte korpsleden toch to dreech.

De iene wie to wreed en d'oare to koart foar de kop.  
Sadwaende rekke it saekje alhiel yn it slop.

Doe kaem Jan Slofstra ['t wie yn 1928 yn'e hjerst]  
dy hie folle mear geduld en lieding, de jonges diene tige har bêst.  
Hja hawwe al gau nei in konkours ta west.

Mei in earste priis kamen se thús, foar dirigent en leden in moaie stimulâns,  
dan fielt men wer: 'Wy ha noch wol in kâns'.  
En dy kâns hawwe se ek benut, want se ha mear priizen helle,  
mar mei dy âlde ynstruminten wie altyd wol wat te stellen.

En derom makken se wer in loopke troch it doarp  
en hellen se wer wat sinten op.  
't Wie doe net sa'n romme tiid.  
Mei twahûnderd goune wiene se núvere bliid.

Nei trije jier stapt' ek Slofstra der foar wei,  
krige er net in oare baen? Yn elts gefal, it korps hat wer op 'e side lein.

In posthume hulde oan Wilt Kooistra, ja, der binne wol mear hjir, in hiele rige,  
mar hy hat der in soad foar dien en it boatsje wer oan 't driuwen krige.  
Fansels de oaren moasten wol achter him stean  
en sa koene se yn 1931 mei Freerk v.d. Bij wer fierder gean.

Hy hie al twa, Kompenije, Bomburgum en sa,  
mar woe Aldegea der noch wol by ha.  
It honorarium wie doe ek net folle.  
Nei'k mien fl. 3,-- mar 'k wit it net út 'e holle.  
Yn it ferslach fan 1951 stiet noteard,  
't wie doe fl. 5,50, hy waard doe mei in gûne opslach fereard.

Wy wolle it noch efkes oer Van der Bij no ha.  
Wat moast men der doedestiids wat foar dwaen, tink ris ta.  
Deis nei de baas en arbeidzje oan't seis ûre,  
en dan mar op 't horloge loere.

Fansels nei hûs ta fytse, ite, dan fluch yn wat oare klean,  
want healwei achten moast er foar in korps wer stean.  
Hurde wyn, reinwetter, of glêdde diken, it lette him net  
hy kaem op't fytske, al wie't ek noch sa glêd.

In 'zit-staak'-aksje hat er noait oer prakkeseard,  
dan moast er allinne, hy wist foarút wol, dat joech him neat.  
't Foldie fan beide kanten goed, hja skarrelen moai foarút  
en sjoen 't ark dat se doedestiids hiene,  
leau'k wol dat se tefreden wiene.

Yn 1940, doe't de oarloch kaem, hat it wer wat hekke.  
Nei in ûnderbrekking fan in goed jier binne se al wer oan 'e gong rekke.  
Yn 1946 binne se alwer nei in konkours ta west.  
De prestaesjes dêr wiene lykwols net al te bêst.

Yn 1947 kaam der in bazar by Douwe de Vries yn'e skuorre.  
De kij stiene op'e stal te âljen, de sturten omheech,  
gjin wûnder, want dit foer wie harren te dreech.  
Mar wol hat it moai wat jild opbrocht  
en der hawwe se doe nije hoarnen foar kocht.

Yn't selde jier stapte ek de boargerij doe gear  
en skonken in nij findel, want 't âlde wie der net mear.  
Dat wie in moai earbetoan.  
Hja stapten as pauen achter 't nije findel oan.

Yn 1951 wie't net in lokkich jier. In jonge krêft naem de Heare út har midden wei.  
En oare leden betanken, omdat se mienden dat er yn Canada  
mear wurk en lok foar harren lei.

Yn 1953 woene se al wer in skaalkollekte ha.  
Hja wiene oan nije ynstruminten ta.  
It kaam wer klear.  
Twa jier oanien in earste priis, dat wie in hiele ear.

Yn 1959 hawwe se in betinking hâwn, 't korps hie 55 jier bestien.  
Leden, âld leden en donateurs wiene doe gesellich by-ien.  
Roel Kooistra, Folkert de Haan en Tsjibbe de Jong  
hawwe ús doe oer it ferrin fan de jierren ek al 't ien' en oare sein,  
spitigernôch is dat net op skrift fêstlein.

1960: Alwer in listkollekte, opbringst f 1.700,-, likernôch,  
't Bedrach wie har seker net heech genôch.  
Want se namen it beslút: 'Wy skriuwe in tentoanstelling út'.

Mar dan fuort trije dagen, in great weachstik gongen se oan.  
Mar de útkomst, dy spande de kroan.  
20, 21 en 23 september: By de iepening mei in marske troch it doarp.  
Doe nei't terrein, dêr wappere de flagge  
en minsken, wat is dy tentoanstelling slagge.  
Ombeurten in pear 's nachts op wacht, dat wiene se ferplicht.  
Hja hiene de ferantwurding foar't spul, achtsje dat net to licht.  
As beleaning mocht elk in pear sûpkjes ha,  
mar wie 't dan oan'e hounewacht ta.  
En dy soene har opknapperke krije,  
no, jimm' riede 't tink wol; sille wy der mar oer swije?

1961: Hja woene graach in greater lokaal ha,  
der waard wol utsjoen mar se moasten wachtsje oan 1968 ta.

Yn 1962 Moasten se in medaljekast meitsje omdat it findel fol wie.  
Yn 13 jier, dat siet best.  
Dus ha de prestaasjes wol goed west.

1964: Nei Kompenije ta. V.d. Bij hie 40 jier foar 't korps stien.  
Dat waard doe feestlik fierd, en der hat us korps oan meidien.

1965: Us drumband helle in earste priis,  
in goede prestaasje, wat wiene se wiis!

1967: Dat it nuver rinne kin,  
koene we yn de notulen sjen.  
Doe wie der mar leafst even fl. 1.000,77 yn kas. Altijd sa earm as in stien,  
ja men soe't betwifelje, al hiene se in bankoerfal dien.

Se ha der gau in tenorsaxofoon, in grutte- en in lytse tromme fan bitelle,  
hja tochten faeks, ear't se 't us untstelle.

1968: It 50-jierrich houlik waard fan Harm de Haan en fam. betocht,  
as âld lid hawwe se der in serenade brocht.  
Dat selde jier joech v.d. Bij har te ferstean,  
hy woe mar leaver hinne gean.  
Syn jierren waarden heger,  
en de nije muziekstikken iderkear dreger.

Op 30 augustus dat jier waard in dreamwinsk ferfuld,  
it gebou waard doe iepene,  
yn marstempo fan 't alde nij 't nije tarinne,  
en mei it spyljen fan 't Frysk Folkslied waard doe de namme unthuld.

1969: Woansdei 17 juli, de leste rippetysje mei V.d. Bij.  
Doe hat er defenitief it stokje op'e lessenaar lein.  
28 augustus, nei fjouwer wike, binne se al mei Cor Roelofsen utein set,  
dat it net in jier duorje soe, wisten se doe noch net.

Wegens tragyske omstannichheden stelde hy har wer teleur.  
1970: Hja moasten omsjen nei in oare direkteur.  
Nei net in lange tiid, it wie 2 april, is Tj. Brouwer ut Butenpost kaem.  
Dy't it unfolbrachte wurk fan Roelofsen oernaem.

Op 4 maart wiene wy feestlik byien,  
doe hat V.d. Bij noch ienkear foar 't korps wer stien.  
Dat had ús doe noch sa goed smakke;  
wy ha him eareburger fan us doarpke makke.

1971: Doe woene se ha,  
de leeringen moasten nei de muzykskoalle ta.  
Roel Kooistra hie al jierren oanien,  
it earste wurk foar de feriening dien.

As jo 50 jier meirinne,  
dan wit men, tocht ik, ek wol wat de grunbegjinsels binne.  
Hawar, dit sil wol better weze,  
hopelik kinne wy de resultaten letter yn'e krante leze.

1972: Us drummers rûnen doe wol yn moaie pakjes, se woene ha,  
it korps moast ek in uniform ha.  
Dus waarden broeken oanskaft mei in gouden biis,  
as't derfan kaam, wit ik net, mar se hellen fuch in earste priis.

Der wie al lang op ompraat fan: '*Hoe sille wy it ha,  
want ús instrumentarium is oan fornijing ta*'.  
Alle pennen yn it wurk mar stelle,  
by de doarpsgenoaten ha se sa'n f 4000,- ophelle.  
Fl. 25.000,-- fan de gemeente mochten se rintloas brûke,  
doe koene se mar oan 't beltsje lûke.

Twintig waarden goed neisjoen en d'oaren nij derby bisteld,  
hat Brouwer ús letter op in gesellige jûn ferteld.  
Hy hat ek út de doeken dien wat foar instrumenten it wiene.  
Wy leauden it wol, omdat de measten der gjin forstân fan hiene.  
Ien is der by, dy is hast net te sjouwen.  
Wat dy net koste hat, de griize gong ús oer de grouwe.  
Mar doe 't se mei dat ark oan 't blazen wiene,

ik tink dat de measten der doe wol mei fersoene wiene.  
Minsken, wat in moai gehiel en wat in klank,  
bestjoer en leden, foar jimme ynspanning ús hertlike tank.

1973: No binne we oan in donkere blêdside kaam,  
ien fan de trouwe leden [Jan A. de Boer] waard troch de dea by harren weinaem.  
As foarsitter hat er in soad wurk foar de ferieniging dien.  
In warber libben naam in ein,  
dochs wy leauwe en fertrouwe, God hie foar him in earekroan weilein.

No wolle wy 't noch even oer Brouwer ha, want it hat wol bliken dien,  
hy hie noch mar krekt foar it ploegje stien,  
of se fernamen it al,  
hja wiene by him net yn de 'soete suikerbol'.

Syn ynspanning en wilskrêft koe harren ynspireare,  
al wie de techniek yn de swiere stikken har faek oer de fûst,  
mei oefenjen en trochsetten koene se it wol leare.

En dat se oankoene ha wy op 23 maart wol heard, hja hingen goed yn de beage,  
se hiene har oan in swier stik van Boedijn weage.  
Ja minsken, dat hawwe se doe spile,  
mei 't selde gemak as se in apel skile.

Sa ek doe 't it oan de 'Koekoekswals' ta wie,  
wie 't net in wûnder doe 't de seal meidie.  
Nei 'k mien, ha 'k alle direkteuren no beljochte,  
op ien nei, en dat is Wytse de Haan.  
Hy hat faek as ynfaller fungearde,  
mar is dat wol nei waarde wurdeard?

Want hy is net te ferfangen, troch gjin Edo de Waard,  
dy jonge fertsjinnet nei myn sin in goudene plaat.

Ho even, der is noch al ien, dat is Roel Zijlstra.  
As dy mei syn drummers troch 't doarp geane,  
dan siz ik jimme, dat de doarren iepen fleane.  
Wat kinne se der wat mei en wat meitsje se in kabaal,  
gjin wûnder, earst wie Wieger Lindeboom har korporaal.

En no is Roel Zijlstra har kolonel,  
hy dirigearde no 't hiele stel.  
Hy kin 't by de karnavalsferiening wol ris fier bringe,  
mooglik kriget hy de sulveren kup wol omhinge.

Jim sille wol tinke, no hat se alle dirigenten op 't harspit hâwn en goed befile,  
mar hoefolle punten hawwe se foar en nei bespile?  
Mei de punten ha 'k oan 't tellen west, der wie net út te kommen,  
no hie 'k op skoalle net in heech sifer op sommen.

En dan mei dy healen derby,  
ik wie der samar yn wei en sei:  
*"Der begjin ik net oan, want ik tink net dat ik it fiks,  
punt út, ik ha no niks".*

En de priizen dy koene jimsels yn de kranten wol lêze.  
Ups en downs ha je by elke feriening, oars soene wy gjin brekkige minsken wêze.

Yn fûgelflecht noch efkes by de leden lâns,  
guon binne noch deselden, mar der feroaret gâns.  
Der 't de âlden geane, komme wer jong'ren yn har plak te stean,  
soks is in gelok, oars koene se net fierder gean.

Nei 'k mien ha 'k my net fersind,  
is der mar ien famylje by dy 't fan de oprjochting ôf noch rint.  
Dat is de famylje Wijma, fan bêrn op bêrn is dat sa gien.  
Trouwens, de Kooistra's, fan twa takken, ha ek meastal foaroan stien.

Herder, Jongsma en De Jong, sa soe 'k wol troch gean kinne,  
De Boer en Hoekstra, wat ha hjir sa foar en nei in soad muzikale minsken wenne.  
Ien fan de leden hat no 50 jier by 't korps west,  
in hiele ruk, mar wol hy Eize Tolsma syn rekord ferslaen,  
dan moat er minstens noch 16 jier meidwaen.

Jimme aktiviteiten op it hiele mêd,  
hiene se dúdlik yn de krante set.

Ek de ferhâlding mei Apollo wie altyd goed, hja koene faek moai meielkoar werke,  
dat koenen wy yn 't ferline ek wol merke.  
Mar, no 't der foar Apollo-Foarút ek in Brouwer stiet,  
kin de namme wolris feroarje, sadat it straks Foarút Apollo hiet.

En dat op dizze manier,  
is in hiele opdracht foar direkteur en leden, doch hja dogge it mei plezier.

Feriening, no 't jimme hjoed dan jubileare, winksje ik jim Gods segen ta.  
Wêz' dit feest dan ta Syn eare: SOLI, DEO, GLORIA!



*Looft den Heer in 1974*

## **Molenhoek**

**A. Nieuwenhuis** Westersingel 15 Drachten  
De Bakbrogge augustus 1993 nummer 4



## Myn kuierke

Grietje Boersma-de Ruiter

Niet geselecteerde inzending voor Dichterspaad 2023

Ik kuier troch de fjilden  
Sa hear ik ek de skries  
Yn myn tas een apel  
En in stikje tsiis.

It reint en stoarmet in bytsje  
Dêr jou ik neat mear om  
Ik rin mei fikse stappen  
Miskien kom'k hjir werom.

It komt ek troch de blauwe loft  
Dan wurd ik altyd bliid  
Moarn skynt fêst de sinne wer  
Dat wurdt no ek wol tiid.

Ek sjoch ik in lyts glimke  
Fan in moaie blom  
Genietsje fan de greide  
Hjir kom ik fêst wêrom!

Mar wêr 't ik ek graach kuierje  
Is yn ús Aldegea  
Dêr leit dit moaie paadsje  
En fierder sis ik neat.

Jimme moatte it sels ûntdekke  
Genietsje der mar fan  
Eltse stap is't wurdig  
Troch dit sa moaie lân!

## Nachtik romsicht

Antsje Mud

Dichterspaad 2015 – paneel bij uitkijktoren *Romsicht* langs de Headamsleat

út in swartens  
skynt de Headamsleat  
tsjuster en stil  
it paad dernjonken  
troch ferljochting  
net fersteurd  
in inkle kleiende  
fûgelrop, fladderjende  
wjukken en leit  
oer alles wer de rêst  
hjr mei de nacht  
nacht wêze

## Niet slapen

Elske Adema

Dichterspaad 2015 - locatie niet meer bekend

De sterren fonkelen in de nacht


Je ligt in bed  
Je kijkt naar de klok  
Het is 3 uur 's nachts  
Je hoort van alles ritselen  
Takken zwiepen tegen je raam  
Je hoort de hond blaffen

Je drukt het lichtknopje aan  
En in één keer  
is het stil

## Oan in âlde freon

De Bakbrogge november 1992 nummer 5 - út Haersmaskoallenijis januari 1966

### C.Z. DE HOOP



Dou hast de mienskip tsjinne  
Fan Kiers oant Hofstra ta,  
Dou hast dit net fartsjinne,  
Dit lot komt dy net ta.

Dou hast de mienskip tsjinne  
Fan boer oant wurkman ta;  
Se ha troch dy fortsjinne,  
En nou..., moat dit nou sa ?

In tiid dy't mooglik makket  
Dat eat sa forsmiten wurdt  
Dou koest der wier net foar hear,  
Mar it is wol tige .... hurd. '

Straks streamt dyn lêste molke  
Ut 'e bus yn dyn greate tank ...  
En droant foar t lêst dyn floite  
Stank foar tank ...

Oudega, Zuivelfabriek

## Oerstaptút

Andries Jelle de Jong

In 2023 gemaakt voor het toekomstige Toeristisch Overstap Punt TOP bij het parkeerterrein aan de Eastersânning

Net blyn  
foar wat wy sjogge  
mar wol hast  
sûnder it te sjen

Stappe wy hjir  
oer iuwen hinne  
en lit de tiid  
mar mei ús rinne

Oer in rêch fan sân  
tusken wetter en fean  
lit it ferhaal  
syn gong mar gear

Fan Nyegea  
fan Aldegea  
in haadplak ea  
en doe net mear

Fan de moaiste tsjerke  
de âldste klok  
fan griene rêst  
en nea te drok

Fan bliere bern  
de hynders kreas  
fiskje farre  
dy âlde feart

Wetter wol wol  
graach ferbine  
jo en no  
mei it ferline

De skiednis ropt  
en raast it út  
dit doarp jout jo  
in oerstaptút.

## **O FROU** *it is jo oan te sjen*

Harm Woelinga

Dichterspaad 2023 – paneel tegenover Sint-Agathatsjerke

yn 't foarbygean  
sjoch ik jó achter de hage stean  
jo lytse eachjes kypje  
stikemwei de Buorren oer  
't is dy stille wink  
dy't my nijsgjirrich makket

o frou  
it is jo oan te sjen  
yn waar en wyn  
de kop derfoar  
it leauwen leit net fêst  
yn kalk en semint

jo skeinde lea  
ienris op stjerren nei dea  
jo gapjende wûnen  
mei nije hûd belape  
't bankehout besnijt 'anno 1922'  
fjurrich rôlet it ferwulft har loper út

o frou  
it is jo oan te sjen  
hjr hâlde de van haersma's hûs  
namme rang en stân  
siere de swiere buorden  
en it fragile glês

fiskers fan minsken  
mei it wurd as kompas  
smite foar jo harren netten út  
frou justitia lykwols  
smiet it túch ûnder de toer  
it blok is bleaun de skande ferdreaun

o frou  
it is jo oan te sjen  
jo noasters galmje  
snokken fan fertriet  
as in leafste  
foar it lêst ûnderweis is

ferstille en belêste  
sjoch ik om my hinne  
sakraal bemetten  
achter it heech houten stek  
betinke bôle en wyn  
in tebrutsen lichem en fergetten bloed

o frou  
jo makken my nijsgjirrich  
ik kaam by jo binnen  
doch jo noch helte mear by my  
agatha, sint yn ieren en sinen  
as in mem jouwe jo âldegea it boarst

## Oh Oudega, wat zijt gij donker

De Bakbrogge oktober 1994 nummer 5 - Uit: *De Frije Fries* van 70 jaar geleden; ingezonden door mevr. A. Spoelstra

Oh Oudega, wat zijt gij donker  
en triestig als geen maanlicht schijnt.

En dan wanneer het star gefonkel  
zoo schijnt en zoo ook weer verdwijnt.

Geen gaslicht, geen lantaarn  
wijst ons op de gevaren.

Hier grijnst ons nu de dood  
Geef hier toch spoedig raad!

Men struikelt langs de straat  
en loopt in gracht of sloot

Des avonds laat de 11e Mei, mijn makker  
die naast mij liep trof 't ongeval.

Ik hoorde hem plassen en zei:  
“O stakker, je zit er in, wat doe je het mal”

“Ja” zei hij heel goedig

*“Help mij hier maar eens spoedig*

*Want hier moet ik weer uit”.*

Ik gaf hem toen de hand  
en trok hem op het land  
en we lachten tot besluit.

## Oudega 900 jaar <sup>1990</sup>

Pyt de Vries teksten & Melle Akkerman muzyk

Uit het boekje met de teksten van de liedjes van de revue Oudega 900 jaar.

### Feestliet

Aldegea, Aldegea, oer dy sil wy it ha.  
Aldegea, Aldegea, dy sjonge wy jûn ta!  
Net sa tryst en mankelyk:  
Us spul dat giet no oan,  
Mei sketsen, sankjes en muzyk.  
Foldocht jim hooplik skoan.  
Aldegea, Aldegea, fiert feest op dizze dei, ja, ja.  
Aldegea, Aldegea! Hiel ús doarp docht mei.

Aldegea, Aldegea, do bist no als sa âld.  
Aldegea, Aldegea, njoggen ieuwen op 'e wrâld.  
Of dat wier is of krekt net,  
It feest dat giet wol troch.  
Gjin mins dy't dêr dan mear op let:  
Wy sjonge en spylje doch!  
Aldegea, Aldegea, fiert feest op dizze dei, ja, ja.  
Aldegea, Aldegea! Hiel ús doarp docht mei.

Aldegea, Aldegea, ja, elkenien is blier!  
Aldegea, Aldegea, dat sjocht net op in jier.  
It plakje âld en griis,  
Mar sûn en by de tiid.  
Dat wolle wy wol witte,  
Dat woll' wy net fersitte.  
Aldegea, Aldegea, fiert feest op dizze dei, ja, ja.  
Aldegea, Aldegea. Hiel ús doarp docht mei.

---

### Minsken, Minsken

Minsken minsken, it is my wat!  
De ien wol dit en de oare dat.  
Sa'n feest hâldt hiel wat yn.  
It giet lang net altyd foar de wyn.  
Minsken minsken, it is my wat !  
De ien wol dit en de oare dat .  
Hulde oan 't bestjûr, sa sjonge wy,  
Dy setten hiel dat spul dochs op in rij.

---

## Hulde oan Alde Gea

Aldegea, wy binne bliid,  
Dat ús doarp dochs echt bestiet.  
't Wie foar ús in hiele toer:  
Oan wa bring' wy ús lokwinsk oer.  
Wy rûnen troch it hiel gea  
En fûnen hjir ús Aldegea.  
O minsken, wy binn' o, sa bliid,  
Dat ús doarp dochs wol bestiet.

Aldegea, wy fiere blier  
't Feest fan njoggenhûndert jier.  
Wy nimme ek presintsjes mei:  
In kuierstok foar d' âlde dei.  
Wat snobberij, dat kin net oars,  
In bûsdoek foar de wiete noas.  
O minsken, wy binn' o, sa bliid ,  
Dat ús doarp dochs wol bestiet.

Aldegea, wy winskje jo  
Noch felle jierren fanôf no.  
Do âlde doarp, bliuw jimmeroan.  
Foldocht ús hjir sa tige skoan.  
Us boartersplak, ús bertegrûn,  
Oan dy ha wy ús herte jûn.  
O minsken, wy binn' o, sa bliid,  
Dat ús doarp dochs wol bestiet.

---

## **Ik sjoude mei myn skûmkes**

Famke:

Ik sjoude mei myn skûmkes hiel Aldegea hast troch.  
Se wie jierdzje, sa 't men sei, se wie jierdzje, sa 't men sei.  
En ik socht hjir alles nei  
En gjin minske wist de wei.  
Oan 'e Tsjollen, oan 'e Tsjollen, tocht de lytse faam.  
Oan 'e Tsjollen, oan 'e Tsjollen, tocht de lytse faam.

*Refrein:*

O Alde- Aldegea, o Alde- Aldegea,  
En it sit ús yn 'e lea, en it sit ús yn 'e lea.

Post:

Ik bin mei myn kaarten hiel Aldegea ôf flein.  
Se wie jierdzje, sa 't men sei, se wie jierdzje, sa 't men sei.  
jMar ik wist net wêr 't it lei  
En gjin minske wist de wei.  
Oan 'e Tsjollen, oan 'e Tsjollen, tocht de lytse faam.  
Op 'e Wâl, Op 'e Wâl, tocht de âlde post.

*Refrein*

Blommeman:

Ik bin mei myn blommen hiel Aldegea troch west.  
Se wie jierdzje, sa 't men sei, se wie jierdzje, sa 't men sei.  
En ik socht de hiele dei  
En gjin minske wist de wei.  
Oan 'e Tsjollen, oan 'e Tsjollen, tocht de lytse faam.  
Op 'e Wâl, Op 'e Wâl, tocht de âlde post.  
Yn 'e Buorren, yn 'e Buorren, tocht de blommeman.

*Refrein*

Bakker:

Ik fleach mei myn taartsje hiel Aldegea yn 't rûn.  
Se wie jierdzje, sa 't men sei, se wie jierdzje, sa 't men sei.  
En ik socht de hiele dei  
En gjin minske wist de wei.  
Oan 'e Tsjollen, oan 'e Tsjollen, tocht de lytse faam.  
Op 'e Wâl, Op 'e Wâl, tocht de âlde post.  
Yn 'e Buorren, yn 'e Buorren, tocht de blommernan.  
Op it West, op it West, tocht de bakkersfeint.

*Refrein*

---

## De Saksen

De Saksen brân' ús pleatsen ôf.  
Deazje elts om bút of rôf.  
Folk en fee nimme hja mei.  
Kom en set de fijân nei.

*Aldegeasters, wêz no wach,  
Oars ferlieze wy de slach.  
Ta de striid, de wapens ree.  
Weitsje oer jim eigen stee.*

De diken troch, it wetter heech,  
Meitsje har de striid sa dreech.  
Komme om yn somp en fean,  
Krije har fertsjinne lean.

*Aldegeasters, wêz no wach,  
Oars ferlieze jim de slach.  
Ta de striid, de wapens ree.  
Weitsje oer jim eigen stee.*

Al mannich ien fûn sa syn ein.  
Waard fan eigen folk hjir slein.  
Aldegeasters, 't wie bekend,  
Wiene oan de striid wol wend.

*Aldegeasters, wêz no wach,  
Oars ferlieze jim de slach.  
Ta de striid, de wapens ree.  
Weitsje oer jim eigen stee.*

Faak is 't de fijân slim fergien.  
Tsjûge is de blauwe stien.  
Djippe skrassen stean deryn.  
Al is de striid al lang ferlyn.

*Aldegeasters, wêz no wach,  
Oars ferlieze jim de slach.  
Ta de striid, de wapens ree.  
Weitsje oer jim eigen stee.*

---

## Aldegea mei dyn kleare loft

Aldegea mei dyn kleare loft  
en dyn wetterlân.  
Dêr 't de fûgels fleane yn greate kloften  
oer Stobbehoek en Eastersân.  
Aldegea mei dyn griene greiden  
en dyn Grytmansrak.  
Dêr 't mannich fûgel yn 'e reiden  
siket nei in nestelplak.

*Dêr't de dei de jûnreis makket  
Mei kleuren giel en rea.  
Dêr't it sintsje yn it wetter sacket,  
Weikrûpt yn it Alde Gea.*

Aldegea mei dyn Hege Warren  
en dyn blaugêrslân.  
Dêr 't eartiids poepen seinen harren,  
it miedlân meanden mei de hân.  
Aldegea mei dyn wiete feanen  
en dyn sompich gea.  
Dêr 't minsken tsjin dy lege leanen  
skrepten foar it deistich brea.

*Dêr't de dei de jûnreis makket  
Mei kleuren giel en rea.  
Dêr't it sintsje yn it wetter sacket,  
Weikrûpt yn it Alde Gea.*

Aldegea mei dyn âlde Buorren  
en dyn grize toer.  
Dêr 't minsken tûgen mei swiere kuorren  
en sutelden fan boer nei boer.  
Aldegea mei dyn hege reiden  
en dyn fiskersstân.  
Dêr 't eartiids minsken netten breiden,  
Taanlucht sloech oer doarp en lân.

*Dêr't de dei de jûnreis makket  
Mei kleuren giel en rea.  
Dêr't it sintsje yn it wetter sacket,  
Weikrûpt yn it Alde Gea.*

## Tinke oan it âlde doarp

Ik moat by 't âlder wurden jimmer dreame  
Oer 't plakje grûn dêr 'k ienris berne bin.  
Dêr't d' âlde hûzen oan 'e strjitsjes steane,  
En 'k alle lûden yn 'e Buorren hearre kin.  
Myn tinzen komme bar om bar nei boppe .  
It liket dat myn hert dêr op besite giet.  
Dan is 't as hear ik wer myn maten roppen  
Op it plein dêr 't noch de âlde skoalle stiet.

Dêr leit it lok en leed fan folle jierren.  
Yn tinzen sjoch 'k it aldershûs wer stean.  
Ik sjoch as eartiids de grize toer fan fierren,  
En 't eksternêst, dêr yn dy âlde ikebeam.  
By 't âlder wurden mei ik graach fertelle  
Hoe't wy nei hûs ta fleagen as de iisko-bel  
Us tarôp: Hasto al in stuorke helle?  
En dan slabjend de grutte Buorren del.

By 't âlder wurden sjoch ik noch it molkfabryk.  
De hege piip, dy 't grize reek de loft yn jage.  
Dat byld fan eartiids, ik leau dat it nea wer slyt.  
In byld dat altyd bliuwt, skerp en nea ferfage.  
'k Sjoch noch de boereweinen út 'e Warren komme,  
Heech oploege mei krûdich blaugers-hea.  
Hoe 't wy as bern der hastich efterop klommen  
En mei skommelen troch de Buorren fan Aldegea.

By 't âlder wurden komme bylden boppe:  
Us beppe knikkeboljend yn 'e stoel.  
It feest yn 't doarp, mei d' optocht yn 'e Buorren,  
Fersierde fyts dêr 't ik mei yn de prizen foel.  
By 't âlder wurden komt soks om 'e hoeke.  
In minske-libben, it is mar in amerij.  
Tiid hâldt gjin skoft, wol him goed brûke,  
Want oft men wol as net ... it giet foarby.

---

## It Eibertsnêst

De skoalle sit der mei omheech.  
Alle klassen rinne leech.  
Master, juffer, skoalbestjûr,  
Bûge har der hiel djip oer.  
It komt net goed, it is net bêst.  
Alles rint sa muorrefêst.  
Aldegea, it komt net klear.  
Meikoarten binne hjir alhiel gjin minsken mear!

It tsjerkefolk is yn beried.  
't Kin net langer sa't it giet.  
Middenstân sit oan 'e grûn.  
Hat ek noch gjin útwei fûn.  
It komt net goed, it is dochs stom.  
Alles rint sa op 'e non.  
Aldegea, it komt net klear.  
Meikoarten binne hjir alhiel gjin minsken mear!

Doarpsbelang yn djip petear.  
Seit ek al: it komt net klear  
't Alde doarp dat giet oanein.  
Kin net bûten jongerein.  
It komt net goed, it giet sa mis.  
't Doarp stjert út, dat is wol wis.  
Aldegea, it komt net klear.  
Meikoarten binne hjir alhiel gjin minsken mear!

It âlde doarp kwynt stadich wei.  
Jongfolk docht net langer mei.  
De pil, dat stiet foar elk wol fêst,  
Soarget foar in bulte lêst.  
It komt net goed, it rint sa stomp,  
As der net in útwei komt.  
Aldegea, it komt net klear.  
Meikoarten binne hjir alhiel gjin minsken mear!

It Doarpsbelang, nei djip beried,  
Komt no mei de krekke ried.  
It doarp, dat stiet foar har wol fêst,  
Is rêden mei in eibertsnêst.  
Der is dan neat mear oan 'e hân.  
Aldegea is út de brân!  
Aldegea , it komt wer klear.  
Meikoarten binne der wer hiel wat minsken mear!

---

## Protest

Wy froulju fan Aldegea hawwe protest.  
Wy froulju fan Aldegea binn' tsjin dat nêst.  
Wy betrouwe soks net heal.  
Dat eibertsnêst moat fan de peal!

*Dames, dames, wêz no wach.  
Dames, dames, yn 'e slach.  
Slûchje net, dan is 't te let.  
Doch ek mei oan it ferset!*

Wy Aldegeaster froulju, wy gean yn protest.  
Wy Aldegeaster froulju binn' tsjin dat eibertsnêst.  
Dy âlde manlju, griis en skier,  
Ha frjemde streken yn it hier.

*Dames, dames, wêz no wach.  
Dames, dames, yn 'e slach.  
Slûchje net, dan is 't te let.  
Doch ek mei oan it ferset!*

Aldegeaster manlju binn' net by de tiid.  
Aldegeaster manlju, mei har brike ried.  
De froulju binne net yn tel.  
Wy lizze us hjir net by del!

*Dames, dames, wêze no wach.  
Dames, dames, yn 'e slach.  
Slûchje net, dan is 't te let.  
Doch ek mei aan it ferset!*

Wy Aldegeaster froulju, wy binne dochs net blyn.  
Wy Aldegeaster froulju, wy binne tige kyn.  
Bile en seage ha wy klear.  
Noch efkes en it stiet net mear.

*Dames, dames, wêz no wach.  
Dames, dames, yn 'e slach.  
Slûchje net, dan is 't te let.  
Doch ek mei aan it ferset!*

---

## **Ik wit net wat jim wolle**

Ik wit net wat jim wolle,  
Mar it wurdt my hast te folle.  
Jim meie it wol witte:  
Ik woe wol efkes sitte.  
Fuoi, fuoi, soks komt der wol op oan!  
Al foldocht it my tige skoan.  
Sterke kofje, dêr bin 'k oan ta.  
Spitich, mar ik kin gjin gasten ha.

*Wy litte jim no witte,  
Dat wy tsjin it skoft oan sitte.  
Dit is de ein fan 't earste diel.  
Wy gean no efkes fan 't toaniel.  
De kofje stiet foar elts no klear.  
Nei it skoft komt der mear!*

---

## It Keunstwurk

Aldegea, wa hie dat tocht?  
Kultuerrie wie sa gol.  
Dat soks ús nochris barre mocht.  
It moed dat sjit ús fol. Want:

*Refrein:*  
*Aldegea, oermjitte bliid*  
*Kin wer meidwaan yn 'e tiid.*  
*Sa'n machtich wurk, wa hie soks tocht?*  
*It hiele doarp is op ien ein.*  
*In rivier en ek noch mei in bocht,*  
*Ha sa samar yn 'e Buorren lein!*

Toeristen komme hjir op ta.  
It doarp is út ' e brân.  
De fraach is no allinne sa:  
Hoe hâlde wy it yn 'e hân? Want :

*Refrein*

Casper en de Cirkel ek,  
It Glopke en Santepetyk,  
It Miensker en de Wellingbar  
Binne yn in omsjoch lyk. Want:

*Refrein*

Slachter, bakker, winkelman.  
De hiele middenstân,  
Hawwe hjir fertuten fan.  
Sa'n keunstwurk skept in bân. Want:

*Refrein*

Foar Kooistra kaam dit wurk te let:  
Hy wie syn saak al kwyt.  
Hy hie him grif noch wol beret,  
En sit no mei in bulte spyt. Want :

*Refrein*

---

## Klompe-dûns

Eltse dei stean wy wer klear  
Foar it each en foar de sfear.  
De toerist krijt syn gerak,  
Fielt him hjir op syn gemak.  
Sa bringe wy by 't simmerdei  
Mei nacht ús boere-lullebei.  
Yn ús pakken, griis en feal,  
Dûnsje foar it gouden keal.

Melke dogg' wy mei de hân  
En ús greid' is blaugerslân.  
't Hynder foar de boerewein,  
Toeristefolk is op ien ein.  
Al liket it ek noch sa bryk:  
Alles draait om romantyk.  
Yn ús pakken, griis en feal,  
Dûnsje foar it gouden keal.

't Eibertsnêst, dat moat wer klear,  
Al sjocht men nea in eibert mear.  
Boeretsiis, dat is wer yn.  
Skûtsjes draaie op 'e wyn.  
't Hiele doarp dat is yn 't spier,  
Soarget foar in bult fertier.  
Yn ús pakken, griis en feal,  
Dûnsje foar it gouden keal.

Geitesokken, sterk en goed.  
Klompen, ien oan eltse foet.  
Streekjesbroek en boerekyl:  
Alles moat hjir wer yn âlde styl.  
In reade bûsdoek om 'e hals,  
Dûnsje de polka en de wals.  
Yn ús pakken, griis en feal,  
Dûnsje foar it gouden keal

---

## Boeren, it rint út 'e hân

O boeren, it rint ut 'e hân,  
Alle gear oan leger wâl!  
Aldegea en Gasterlân,  
Fan de bosk ta oan it strân.  
It bêste lân sit yn 'e stront,  
No 't Braks syn wet der komt.  
It dongjen moat no simmerdei.  
Dan kriget ús gast in luchtsje mei.

*Refrein:*  
*Want de folklore gaat nooit verlore!*  
*Pet op en de klompen oan.*  
*Dûnsjen docht it tige skoan.*  
*Bûter, brea en griene tsiis.*  
*Dy't oars tinkt is lang net wiis.*

Folklore is sa goed foar 't lân.  
Dêryn past de boerestân.  
Hylperkeunst en snústerij.  
Hiel wat oars as bûnte kij!  
Fûgeltsjelân en beamkeguod,  
Doch jim bêste kij mar fuort.  
Ja, dit is de nije wei:  
Sjong de boere-lullebei.

*Refrein*

Folklore lûkt toerisme oan.  
Dêryn past de boer sa skoan.  
Boerekyl mei swarte pet.  
Dêrfan hat ús lan ferlet.  
Molke en bûter fan de boer  
Ha wy dochs al mear as oer.  
It roer moat om, sa sizze wy:  
Nei de alderwetske buorkerij.

*Refrein*

Hiel dit kâlde boerelân  
Giet kapot oan swier geswets.  
Progressyf docht alderwetsk.  
Hollân, ouwehoere lân.  
Lit de boer syn bêst no dwaan  
En de kij har molke jaan.  
De dong op tiid oer bou en lân.  
De boer brûkt wier wol syn ferstân!

*Want met folklore is' al verlore.*  
*Pet ôf en de klompen út.*  
*De boer dy moat dochs ek foarút.*  
*Bûter, brea en griene tsiis.*  
*Folklore? 'T IS IN GRIIS!*

## Supportersliet

Al is it waar ek noch sa boas  
En friest it hynste-iis.  
Al krij' wy pegels oan 'e noas  
En seit men: Lang net wiis.  
It doch ús neat, o nee.  
Wy sjonge lûd: olee!

*Refrein:*

*Olee, olee, olee.*

*Hup mannen hup, toe set 'm op.*

*De beuk der yn, dat is ús rop.*

*Want Winn' jim net, dat witt ' jim skoan,*

*Dan is ús wykein glêd bedoarn.*

Al seit it wiif: Komst net fan hûs!  
En hat se 'n striemin sin.  
Al fall' der diggels by de rûs  
En wol se op 'e rin.  
It seit us neat, O nee.  
Wy sjonge blier: olee!

*Refrein*

Al kost it ek ús lêste stoer  
En sûpt ús weintsje rij.  
Al hâld' wy ek gjin sint mear oer  
en moatt' wy heal foarby.  
It docht ús neat, o nee.  
Wy sjonge blier: olee

*Refrein*

Al frett' de simmels ús ek op,  
Komt it swit ús op 'e hûd.  
Al set it bloed ús nei de kop  
En ha wy 't slim op 't lûd.  
It docht ús neat, o nee.  
Wy sjonge troch: olee!

*Refrein*

---

## Oan 'e ein

Aldegea, doarp op it sân,  
Aldste doarp fan Smel'ngerlân.  
Njoggen ieuwen lang ferlyn  
Tusken bosk en wetter yn.  
Mei greiden grien en bûnte kij  
En pleatsen oan in lange rij.

*Aldegea, Aldegea. Hjir ha wy ús plakje fûn.  
Aldegea, Aldegea. Oan dit stee bliu' wy ferbûn.*

Aldegea, dyn grize toer  
Eaget fier de greiden oer.  
Doarp, beskûle yn it grien.  
Har bewenners ien en mien.  
In mienskip mei in iepen doar.  
As it moat, dan mei elkaar!

*Aldegea, Aldegea. Hjir ha wy ús plakje fûn.  
Aldegea, Aldegea. Oan dit stee bliu' wy ferbûn.*

Wy binne no hast oan 'e ein  
En ha ús wurdsje hjirmei sein.  
Wy winskje jim no ta beslút:  
In goede takomst yn 't foarút.  
och hûndert jier, dy ha jim sa:  
Op no nei de tûzen ta!

*Aldegea, Aldegea. 't Hiele doarp komt no oerein.  
Aldegea, Aldegea. 't Hiele doarp is op ien ein!*

---

## Oudega, o Oudega!

Stef de Bruin

Leeuwarder Courant 6 januari 1972

Oudega, o Oudega,  
wat heb je nu gedaan?  
Je bent dit keer het nieuw begin  
wel heel vies ingegaan!

Oudega, o Oudega.  
Met drek en vuil besmet  
Loer je van achter hor en ruit  
Of ligt in het bedstee-bed.

Oudega, o Oudega.  
Gastvrijheid maakt je dood,  
Want jullie hebt het nu vertrapt  
Onder een vuile poot!

Oudega, o Oudega.  
De mare gaat reeds rond:  
*“Wie anders vreugd met drek besmeurd  
stinkt zelf het hardst naar str....!”*

## Simmer strân

Bea Vaatstra

De Bakbrogge september 1999 nummer 5

wyn, wyn, wetter, wyn  
hege weagen  
wyn, strân, wyn  
sân yn 'e eagen

Brún, brún, sinne, brún  
ferbaarnde lea  
brún, read, brún  
docht sa sear

wille, wille, berne wille  
skelpen sykje  
wille, minsken, wille  
fotokykje

lok, lok, leafde, lok  
waarme dei  
lok, dunen, lok  
nim my mei

# Sinterklaas <sup>1</sup>

**Dout van der Wal**

6° klas: de Bakbrogge november 1998; overgenomen uit de schoolkrant *Ut Nocht en Wille*, maandblad voor en door leerlingen van de O.L. school te Oudega Small. Tweede jaargang no. 8; 1 december 1955

Sinterklaas zal komen  
In het land der dromen

Piet deelt kransen  
en gaat dan dansen

Nu geeft hij veters  
En strooit dan maar pepers

Mies die krijgt geen pop  
Dat is een reuze strop

Jaap krijgt een aap  
Maar een reuze knaap

Piet krijgt een kleine broer,  
die ligt al op de loer.

Jan die krijgt een grote pan  
waar hij alles mee doen kan

Dat was de geschiedenis van Sinterklaas  
Die grote baas

### Bêste Sinterklaes

It is foar jo wer in drokke tiid  
om foar elts in presintsje to bitinken  
Eltse kear is it in striid  
om hwat goed te skinken.  
Dêrom fan ús in goudene tip  
jouw de doch it selser in goede kwast mei stip.  
Ek skrabbers- plemuermessen en terpentine  
jo komme mar, alles kinne jo by ús fine.  
En yn dizze djûre tiiden is dit ek wol fan belang  
doch it ris in kear oars en helje jute, finyl as behang.  
Fansels hawwe wy yn'e winkel noch wol mear  
wêr't wy jo mei hekpe kinnen.  
Mar dan moatte jo sels efkes sjen  
en lit oars Piet mar oan ús ta rinne.

## Skiednis fan Aldegea 1899-1900

### Marten de Vries

Drachtster Courant 15 januari 1975; Doarpsomropper september 1980 nummer 2; de Bakbrogge februari 1995 nummer 1  
Marten de Vries âld-Aldegeaster, berne op it West op 28-5-1889 as soan fan Kees Hattums de Vries en Grytsje Jans van der Wal, is de skriuwer fan dizze koarte skiednis op rym. Hy hat it forhael skreaun sa 't hy it forteld hawwe soe. Om it skreaune yn syn eigen sfear to halden en om it yn gjin inkeld opsicht geweld oan to dwaen, is der net oan de spelling toarnt.

It punt wer 't Aldegea begjint is op 't West bij Matten Drint.  
Dan ha jou Siebe en Sjits en Foke en Sjirk die ha hjar draai der as een Tjirk.  
Harm hat een lamme hoan, Ielke een bietsje krap verstoan.  
Meense is een vischersmon, Wiebe hat gjin verstoan der von.  
Kees die hat een keppel ben der ken Ole mar op sjen.  
Hinderk zien hoon hat it genadebrea it beast stoar voar de karre dea.  
De broers Folket, Hinderk en Japik ien'e noadoasthoeke,  
der rjocht sjinoer weinje Pieter en Oeke.  
Dan Folkert Griet mei 't winkeltsje der ien, ien 't zelfde hoes Geatkuur mei Stien.  
Dan vjidder kom je op een stoepke bij 't olde hoes van Manis poepke.  
Siebren der bij de wringe moast laitsje as Durk de noasdrup hinge.  
Japik die mei graag een hering, Siebe Trien hat wer verkering.

Olbet wie de broan wol meester, Henderiks Hielkje snobbersgwod voar it veenster.  
Foke en Hinderkje weinjen wot voaroan, olde Folkje is ien't achterkeamerke stoan.  
Kobes en Geits en Jelke en Trien weinjen bij elkoar ien.  
Een zekere olde Jan Dyk ried molke nei it Drachtster boeterfabriek.  
Dan ha jou olde leble moes dot is oppossen voar de Glee zien poes.  
Voar dot ik hjir nog vjidder vertel mat wij even it monedykje del.

Achter op 'e arkepole ien de older vjiste hoek  
libje Tunnes peteroalje en zien dochter heel temoek.  
Gjolt en Ale, Jan en Janke, Gjolt ruter en Foke flie hiene der ik har slinger dot it sawot die.  
Ouke en Bet en Gelf en Sjut binne old en nimme deis oltiet een dut.  
Ien'e kreilen Japik mei zien Angeniet volle ben en gjin vertried.

Oetse trouw en wud nou boer, Freerk rint oer van de natoer.  
Johannes Peet en Oetse bies ha grappen soms as bin se net wies.  
Ele die mei graag een snapke, Gweit jout voorkeur oan een hapke.  
Iezek die zit ien 'e rie, Gerben diet wol beard mar net volle die.  
Oetse Trien hat een dochter bij hjar ien, Jan is nog ol wot perfect.  
Dot stekt Sjoed wer net sa krekt.  
Hottem bout op gosse pole een hoes, Jon hat cinten bij de roes.  
Sead Slotegraaf graaft nooit een sleat, dat viend Adel nou wer neat.

't Wie Drachtstermerk mar 't joeg gjin stoer, it waar wie mooi mar 't dwarp ien roer.  
Wont wot wie Rense wol begien? Die hie him zels de strop om dien.  
Hoons dot is een striekjild schriewer, Jonnes wol een bietsje een oerdriewer.  
Dykstra gjit ut schwalpe wie, Jon Hwantsje hat vrachtriederei.  
Roel Poep die zit ik in 'e stoal, at vient Jon verver hast te moal.  
Anne de Jong zit mei zien Trien, achter bij Jon verver ien.  
Wobbe is een vlinke bakker, Sjoed dot is een weine makker.  
Jon vaatsjes hat een winkel der ticht bij, Meinte Poelstra een verrone oannimmerij.

Freerk die holde him oan 'e wet, Jille joeg zien ben oan, een dei te let.  
Hindrek Adels hat dranktapperei, Jan einepiek kannarjevokkerij.  
Hindrik Hedder hierknipper en barbier, domenei Hingst preket volle von 't papier  
Kobes die is bargeslachter en wennet der allinnig achter.  
Albet en Aal en Foppe en Sjet witte ik wol hoe dot it hjet.  
Wont se sitte op hjar gemak, olegear onder it zelfde dak.

Oebele is een lange sprut, der kin Wiebren net tsjin ut.  
Pieter hat een hit, Ole is een smid.  
Meint die hat een doek foar 't eag, Baaie hold de flesse omheeg.  
En de post die wennet ien 'e steeg.  
Douwe is koeper en pompenmakker, Hylke is een bakker.  
Harmke stoar en olde Roel gong nei Poules en Jonsje ien 'e goutsjepoel  
Jehonnes zetboer oan de achterwei, Hindrik hondelt meast ien kei.  
Jon Durks is boer, wonderdokter en boatskaptein, dot is wol wot volle wudt er zein.  
Berendsbet is net sa lekker, Leense Kiel lonteaneopstekker.  
Wessel hat moalkriederei, Roel slachtet bargaen schiep en kei.  
Japik is wer trouw met Trien, Tomes en zien heit bin bij elkwar ien.  
Metienes Sjits een olde rakker jout hjar dochter wei oan Auke bakker.

Steenbeek is een lapke schroar die naait oltyd fwar een oar.  
Jan de Haan een lietse boer, hie gjin bestean en handelt nou ien beestevoer.  
Minne die hat him der nooit voar schamme wont de mon wie better as sien namme.

Don de even noemers it leaste blok der wennet de widdouw Folkets Fok.  
It diekhoeske, elk wiet der fon, olde Eelkje mei Jan Oelemon.  
Oan de sieltsje sleat een raar gevoltstje, der wennet Jon Brantes mei zien Sjoltsje.  
Douwe Hiltstje is een wedevrouw, har pleats die brande twa keer ouw.  
Hindrik hie een dekbeerholderij, verkocht it beest mar de namme blieuw him bij.  
Mei Japik wie 't wol ris wot een toer, Wilco wie bakker, mjelder, moalhondelaar en boer.  
Der wie gjin wien en de mole woe net gean  
hoe Jon wrantelpot ik vlokke, de mole blieuw stean.  
Ytsche die hie tretjen kotten, 't slimste wie it mei it voer.  
Zij joeg ol volle viskekoppen mar stroffelde der wol ris oer  
Sjibbe Oelemon zei tsjin Tienke Siets, Tienke ried nooit op 'e fiets.  
Siets zei wol nou ris even nei mei hjerre, Tienke fietst meer as jim ollegjerre.  
Jonne Griet op 'e oostein von 'e achterwei, don Jouke mei zien fuormonderei.  
lif werkt op 'e boeterfebriek, kjille Meint vaak op 'e dyk.

Nou gjin wij de achterwei dwas oer, mei een schwalle en een tserke zonder toer.  
De reed der tuschenyn is fon Wesselskees, een timmerman.  
En grutte Hessel op 'e kamp verleer een kou, wot wie 't een ramp.  
Anne hold er een winkel op nei, don Hinderk en Bonsje en Bouwe en Sei.  
Meester Wolsma ient 't schwallehoes, domenei Prins ien 'e postereie, hie romte bij de roes.  
Der nêst ha jo wer Hessel Oast, hat Jeltsje wol mar hat gjin kroast.  
Gean wij meer nei 't noaden ta dan is 't net mis, Jon die trouwd mei zwatte His.  
Jon Mattens, Tjitte en Megiel, volje der een streek alhiel.

Don gean wy nei de Noadoasthoeke, Petrus, Griet, Meense en Wiets en olde Oeke.  
Lykele troch zien wurkjen geheed út lead, Hinderk docht wot kolmer en 't let him neat.  
Gjolt wie boer en feedokter sa 't er sei, as it hurddraven wie, koe Hjerke der wol wot mei.

Otse is een lietse boer, Binne een mooie Print, Hedser is een grutte Drint.  
Klaas schuik dot is een olde mon, Remkes is een zoan der von.  
Albet hat twa goede en treie bliene ben, Wiebe hat vief die ken goed sjen.  
Jon Roels der stiet it er wol ris bjuster bij, Hielke hat soanriederei.  
Tamme zien hoes wut olaon volder, Hindrik wut boer ien Jondurkspolder.  
Olde Kees tsjinoer de striepe, kont him der ik best begriepen.  
Jon Jonker ien 'e Noadwesthoek, Jelle hiestekeapman en der ien adig toek.  
Pete 'Jits sjocht schean troch 't veenster, pp 't hoes van Jon de lietse burgemeenster.

Dit bin wij loans en zit it sa, gean wij east nei de febriekswei ta.  
It oldereerst is lietse Fedde, kin him ien lapkes adig redde.  
Don sjocht min olde Lieuwe' Ontsjje, bBy de streek mei 't peteroljekonsje.  
Lut hat gjin verlet von buarvrouw vroet dot ken je merke,  
hij is een olde vrijgesel en koster ien 'e grutte tsjerke.  
Kobes stapt bij 't winter hele setten te hout vien meitsje nei de Kletten.  
Roanes die praat hast mei gjin ien wWant hij is sa doof as een stien.  
Siebren zeit een grutter hoes wot silt besjutte wont Siebren wenne ien 'e hutte.  
Bloksma is machinist op de boeterfabriek,  
Siemen vroeger hudrieder, nou een old mon vol rimmetiek.  
Kees is waaitapper mar hat hij edn skoftsje oer, don rint er mei de bolekoer.

Durk is verzekeringsagint, Olde Hanke is as boade ien dwarp nog goed bekend.  
Kiers dot is een directeur, Lytse Gjolt hat een kroeg en stelt gjin ien teleur.  
Age vangt visken soms hele sikke, Leense beurtvaart mei een snikke.  
Pieter en Met die bin nei Geroep ta set.  
Jelke die hat turf te keap, Exteur de Haan hat vamkes bij de heap.  
Grutte Gjolt is boatskaptein, Jon Schuurmon die is schjin oan ein.  
Anders Tilma die is nog wot better, Ale en Jonne ien 't vischerhoeske ticht bij 't wetter.

Gjet nutteboskje stapt fwar ongetyd nei Wergje ta, die mon mat wol goede fuotten ha.  
Euwe is een kolme boer, Berend wurket bij zien broer.  
Lykle 'Onsje wennet ien een keukensje sa 't hjet en ien de voerein Wopke en Sjet.  
Pieter Poal hat lingte extra, een hiel verschil bij Wiebe Hekstra.  
Gosse, een hele olde mon, makket er mar een boeldei von.  
Sietse von 'e lange striepe kin him dat ik best begriepen.  
Jon Kuperus, ik een olde boer, mei de achterein der vlak tsjinoer.

Nei 't westen út don rint min sa it scheanpaad del nei Melle ta.  
De heawei del dwas oer de vinne, ken min don nei Ljibbe rinne.  
Don oer it hountsjepaad der voon min Minne mei zien lulke hoon.  
Japik der ik tichte bij holt een wetboek der opnei.  
Gerben wennet der ik mooi ien een verrone einekooi

No nei de Headam ta dat is een heel ein mei der een bregewachter en keslein.  
Von de Headam gean wij sa werom nei Jon Durkspolder ta.  
Der weinje don sa ast behjet Hindrik, Battele en Reense en Sjet.  
Don troch de Geeuw oer 't Westersoan kom wij wer op it veste loan.

Dat is Oldegea ien zien bestean mei hoed en hier von kop tot tean.  
Don wolle wij dit broddelwurk onderschriewe mei de namme Murk

## Skoft

**Hein Westerhof:**

De Bakbrogge mei 1999 nummer 3

Bouke van der Woude hat der muzyk by makke en it stiet op een CD fan Bouke.

Ik sit troch't rût te stoarjen  
It wykein wie wer dreech  
De rein slacht tsjin de ruten  
De wei is stil en leech

Dan sjoch ik immen kommen  
It liket in jongfaam  
En sa te sjen koe't wêze  
Dat hja dizze kant op kaam

Ja sjoch se rydt de daam op  
En set de fyts tsjin't stek  
Se pandert nei de doar ta  
Troch modder en troch drek

Refrein: Rein rein reinwetter makket wiet  
Mar soms smakket dat wetter dat wetter sa swiet

Ik doch de doar gau iepen  
Har antlit glimket blier  
Mei ik hjir efkes skûlje  
Dit waar falt my sa swier

Ik bring har by de kachel  
Se sjocht my tankber oan  
Lûkt dan har wiete jas út  
It liket sa hiel gewoan

Mar dan, dan giet se fierder  
Knopet har bloeske los  
Dat smyt se op 'e grûn del  
Neist har ek wiete tas

Refrein

Dan folgje skuon en sokken  
En ek har spikerbroek  
Se sjocht my oan en seit:  
't is hjir noflik waarm en smûk

Ik bin sa bliid en tankber  
Dat ik dit plakje fûn  
En wylst falt har behaatsje  
Foar myn fuotten op' e grûn  
Har hân giet nei har sloggi  
myn hert slacht as in trom  
dan stompt myn maat my wekker  
*“Oerein it skoft is om”*

## Slachter Oeds Pietersma

Slager en slachter Oeds Pietersma adverteerde meestal in dichtvorm. Hieronder een aantal van zijn gedichten uit diverse advertenties

It is guon minsken like folle  
of de kou skiet of de bolle.  
Mar foar in goed stik fleis, sa ha'k ûndekt  
komt it de measten tige krekt.  
Dêrom, en dit is tocht ik klear tael,  
stiet kwaliteit by ús sintrael.  
Fleis en ham, wiet of droege woarst en gorden blue  
as foar in Karbo op sa'n nymoadrich ding, sa'n barbecue.  
En smakket it jo tige lekker, tinke jo hjirfan wol'k mear,  
dan steane wy, mei de bikende kwaliteit foar folling fan jo frieser klear.  
Foar ljirre en snywoarst, of in stikje Spek op brea  
hoask oanrikkemedearre, Oeds Pietersma, slagter, Aldegea.

Advertentie de Grietman juli 1978

As jo ús kwaliteit ien kear kinne  
is der gjin better, sa fier kin jo net rinne.  
Dus foar wat aparts of foar it gewoane  
komme jo by ús telâne.  
Alles kin wy thús noch slachtsje  
en de kwaliteit is sa't jo't ferwachtsje.  
Foar hûsslachting en al wat mear  
kom nei Aldegea en wy meitsje it foar jo klear.  
Want is is krekt sa't de measten sizze:  
foar wat goeds,  
moatte jo nei Oeds

Advertentie Doarpsomropper februari 1981 nummer 5

De iennichste selsslachtsjende slachter yn Smellingerlân  
Sil ferhûzje fan de Sânbuorren nei 't Langdeel nûmer sân.  
It is dêr wat waarmer, grutter en foar my net fier te gean,  
Want ús slachterij dy bliuwt gewoan bestean.  
Dus, yn'e drokke tiid foar Sinteklaas  
Kinne jim rêstich komme om in byfstik fan 'e haas.  
Sit oer de Krystdagen ek net yn noed  
Wy ha dan wer rollades, tige goed.  
En yn 'e wike foar de Kryst ha wy in ko yn 't hok.  
Jim meie dan wer riede, dus weagje in gok.  
Ut 's Hertogenbosch helje wy dan wer in pear  
Moaie, jonge, grauwe reade, dus samar gear.  
Se binn' tige jong en hiel fijn fan smaak.  
Dus ik soe sizze: yt dan mar raak !

Advertentie Doarpsomropper november 1982 nummer 23

Yn Aldegea binne de gasrekkens it alderleechst,  
want de kwaliteit fan de slachter is dêr 't alderheechst.  
Dat fleis is sa mar gear, hoecht dus mar krek t op 't fjoer  
en it is foar dat soarte gjin stoer te djoer.  
De moaiste jonge kij dy meie wy thús noch slachtsje,  
de kwaliteit is sa goed, men kin net better ferwachtsje.  
En binn' jo âld of siik en kinn' jo't sels net helje,  
twa kear wyks bringe wy 't bylâns, dus je kinn' rêstich belje.  
Jo hoege ek net troch de snie of wiete rein,  
want wy besoargje ek yn Burgum, Nijegea en De Pein.  
Dus wat let jo, krij rêstich mar de tillefoan  
en wy bringe 't moaiste guod by jo oan.  
Foar 't fijnste fl eis of in stikje rikke spek op brea:  
nei Oeds Pietersma, slachter te Aldegea.  
Advertentie Doarpsomropper december 1982 nummer 24

Foar 'n goed stik fleis  
hoege jo net fier op reis  
want by de slachter op 'e Fabrykswei  
meitsje se alles farsk, eltse dei op nij.  
'n Stikje meager fleis as mei 'n rantjse fet  
mar ek foar barbecue, fondeu as goermet.  
Want 't is krekt sa as men seit:  
By Pietersma fine jo noch kwaliteit.  
Advertentie de Bakbrogge november 200 nummer 6

## Swalkerslietsje

Bennie Huisman tekst en muzyk

As it maitiidssintsje oer de greiden rint  
en de earste ljip wer yn de finne saait,  
as rûnom it libben op 'e nij begjint,  
wurdt it lêste iis yn my ûntteid.

Sa 't it wyntsje waait sa swalkje ik rûn  
en myn swalkersbloed hat noch syn rêst net fûn,  
mar der is in byld en dat ferlit my nea,  
fan in lytse boerefaam yn Aldegea

Rûchtburd jage oer it wetterlân,  
'k hie mei 't skipke in plakje foar de winter socht.  
Se kaam ris mei in kuorfol aaien lâns  
en ik fûn by har wat ik sa lang al socht.

Winterkjeld hie de wrâld mei wredens slein,  
Bûtendoar dêr ware de kâlde dea.  
Mar yn 'e roef wie 't leafde sûnder ein  
by it waarme libben fan her lea.

It ôfskie wie saw reed, sa swier  
yn 'e iere moarntiid fan in maaiedei.  
Se stie dêr lang sa lyts sa fier  
en ik liet har efter en ik naam har mei.

# Sterke tsjerke

Andries de Jong

Gemeentedichter Smallingerland 2018

Gedenkteken op kerkhof Sint-Agathatsjerke Buorren 1

Wat seit  
in tsjerke  
jo no  
neat of treast  
hillich of liik  
of sa as hjir  
yn 't âlde lân  
gewoan  
alderôfgrylikste moai

De hage om it hôf  
is miskien  
krekt wat te heech  
om glêd en sa fan huppekee  
it leauwen yn te springen  
sa is 't foar guon lju  
in hiele toer  
trou oan 't gebou  
fan dy dingen  
mar kinst fansels ek  
gewoan troch it stek

Stikje foar stientsje  
boude feroare krûpte  
de bûnte bealch  
fan preek en pipermunt  
troch syn takomst  
pûstend fan pine  
boppe op in sânkop  
nei no en hjir en hjoed  
yn it stadichoan  
ôfsjoudde jas  
en allinken út de liken  
ta de rotsfotsen út oan ein  
mar altyd en  
aldergeloks  
alle war  
fan de wâldpiken

1921 bygelyks  
opstien út de tsjerkedea  
en hjoed de dei  
noch hieltyd nea  
âldsk  
mar farsk  
en wichtich en wolkom  
foar elts  
leauw  
dat  
mar.



Sterke tsjerke

Stikje foar stientsje

De hage om it hôf

Wat seit

Sterke tsjerke

boude feroare krûpte

is miskien

in tsjerke

Sterke tsjerke

de bûnte bealch

krekt wat te heech

jo en no

Sterke tsjerke

fan preek en pipermunt

om glêd en sa fan huppekee

neat of treast

Sterke tsjerke

troch syn takomst

it leauwen yn te springen

hillich of liik

Sterke tsjerke

pûstend fan pine

sa is 't foar guon lju

of sa as hjir

Sterke tsjerke

boppe op in sânkop

in hiele toer

yn 't âlde lân

Sterke tsjerke

nei no en hjir en hjoed

trou oan 't gebou

gewoan

Sterke tsjerke

yn in stadichoan

fan dy dingen

alderôfgrylikste moai

Sterke tsjerke

ôfsjoudde jas

mar kinst fansels ek

alderôfgrylikste moai

Sterke tsjerke

en allinken út de liken

gewoan troch it stek

alderôfgrylikste moai

Sterke tsjerke

ta de rotsfotsen út oan ein

mar altyd en

aldergeloks

Sterke tsjerke

mar altyd en

fan de wâldpiken

aldergeloks

Sterke tsjerke

alle war

1921 bygelyks

fan de wâldpiken

Sterke tsjerke

fan de wâldpiken

opstien út de tsjerkedea

1921 bygelyks

Sterke tsjerke

en hjoed de dei

noch hieltyd nea

aldergeloks

Sterke tsjerke

noch hieltyd nea

âldsk

aldergeloks

Sterke tsjerke

âldsk

mar farsk

aldergeloks

Sterke tsjerke

mar farsk

en wichtich en wolkom

aldergeloks

Sterke tsjerke

en wichtich en wolkom

foar elts

aldergeloks

Sterke tsjerke

foar elts

leauw

aldergeloks

Sterke tsjerke

leauw

dat

aldergeloks

Sterke tsjerke

dat

mar.

aldergeloks

Sterke tsjerke


mar.

Andries de Jong  
Gemeentedichter Smallingerland 2017-2018

# Ticht

Hindrik Riemersma

Dichterspaad 2015 - paneel bij kunstwerk *Tichtset* aan de Gelânswei



**“ticht,**

**set mar ticht,**

**lichtsje de netten mar,**

**’t is oer en dien”**

**de lêste iel**

**wyndert as in twirre**

**troch it wetter,**

**in lichte ril**

**en mei dit taferiel**

**út it sicht fan ‘e fisker**

**wurdt it yn it Âlddjip stil**

**wa wit noch fan in tichtset letter?**



## Tiden hawwe tiden

Aukje Wijma

Niet geselecteerde inzending voor Dichterspaad 2023

in skittering falt oer Aldegea  
brûzjende wetterweagen  
rôlje neier oan en bringe  
fleurich kleurich  
folk fan wit hoe fier

har boatsjes farre ôf en oan  
mei wimpels heech yn top  
en silen strak fan westewyn  
of east it komt wol krekt

nijsgjirrich trêdzjend  
gean se troch it doarp  
grif op 'd âlde tsjerke oan

rûnom tusken 't beamtegrien  
wachtet keunst  
yn hout staal en stien

dan nei 't swalkjen  
by de bakker del  
om lekkers foar ûnderweis

sa kriget it âlde Aldegea  
yn gloednij perspektyf  
't giet iepen foar de hiele wrâld  
mar bliuwt yn har hert gelyk

somtiden

hinget er as kliemsk  
koekedaai om my hinne  
as yn lange, bange nachten  
tsjustere tinzen yn myn  
holle húsmanje en it  
nea wer ljocht liket te wurden

meastentiids

glydt er my as fyn  
moudich sân troch de fingers  
net te hâlden, noch te heinen  
of te keren  
hoe lear ik om  
him goed te brûken

# Toudûnsje

Antsje Mud

De Bakbrogge juni 2002 nummer 4

Frjemd fielende

feroarings

meitsje it

bewende boartsjen

ynienen bernich

Stil sit se by

de âlden

dy 't mei-inoar

wille ha om

hja wit net wat

Yn 't feilich

toudûnsjen

fynt se freonen

dy 't mei har laitsje

dy 't mei har gûle

Salang 't hja

it tou mar

dûnsje en draaie

draaie en dûnsje

dûnsje en draaie lit

## Tusken de wite stippen

De Bakbrogge december 1994 nummer 6

Der stie ris in griene grientebak, op 'e hoeke fan de strjitte.  
Hy stie der mar wat allinnich, want syn baas soe him ferjitte.  
Moarns ier en betiid hie men him efter hûs wei rôlle.  
Hy siet groatfol mei griente, tunôffal en bôle.  
Mar by de dyk kaam hy te stean by in oare lotgenoat  
Dy stie te wachtsjen op 'e stoepe by de goat.

Al rillek gau kamen der mear griene bakken.  
Want de gemeente woe se sa byinoar plakke.  
Tusken de wite stippen op 'e wei,  
stienen hja te klomjen mei  
op syn meast seis of sân.  
Tusken de stippen, wat in ferstân.

As hat de amtner de bakke-bazen net sa heech  
Troch sa te wurkjen is it foar harren net sa dreech  
en leegje de bakken mei hurde hân  
en smyt se dan wer del, mei har seizen of sân.  
Dan is it de bakke-baas wer nei it sin.

Mar ien dy bliuwt der treurich stean.  
is dat no syn fertsjinne lean?  
Aanst waait er fuort, of krypt er om  
Mar minsken, soks is o sa dom.  
Sa wurdt in bak, bedoeld foar rommel,  
aanst ôffal op 'e strjitte, foar de drommel.  
Dus nim jûns mei dy ôffalbak,  
en set him thús wer kreas te plak.

## Us âlde toer

Doarpsomropper mei 1982 nummer 19

Do hearst derby, o âlde toer, en bist  
ús tige nei. Grif ha se ieuwenlyn  
mei sin in moai heech plak foar dy útsocht,  
do stiest der noch, yn alle waar en wyn.

Dyn skerpe, swarte eagen koen'it hear  
goed oersjen, fier en alle kanten oer,  
do witst derfan, wa 't yn it âlde gea  
de iene d'oare wie, de âlde toer.

Us foarfoars dy't dy stifte ha, wy kenn'  
net ien derfan, do hast mear kunde as wy,  
sa tydlik as de minske bisto net, mar hast  
geslachten kommen sjoen en seachst har nei.

In lange rige fan achthûndert jier  
is om dy hinne bern 'en is der stoarn,  
it doel fan elke lêste reis wiest do  
en klokken klagen: der komt wer ien oan.

Us tagediene leedomsizzer wiest,  
ek tiidoanjouwer foar it folk op 't lân  
en sneons en sneins dan joech dyn dûnker /lûd  
fan d'iene klok in wink fan Hegerhân.

Dyn noegjend, mar ek moanjed lûd waard heard  
op't slot en yn'e earme klint, en't wie,  
dêr bisto Godshûs foar, dy min nei't sin  
dat d'iene bank nogal wat heger stie.

It lyts gedoch fan minsken, doe en no,  
Hast sjoen; har striid om it bestean, 't ûnwis  
besykjen goed te dwaan, no bist grif wiis  
en.... tinkt dy dat de wrâld foarút gien is?

Al sprekt dyn hôf ús fan fergonklikheid,  
der is ek wat fan ivichheid, as yn  
dyn tsjerkerûmte bliuwt it âlde Wurd  
dat, goed ferstien, noch is as lang ferlyn.

## Wolken

Halbe de Vries

Niet geselecteerde inzending voor Dichterspaad 2023

Wolken jeije lâns de loft

Ik sjoch dêr nei soms gâns in skoft

't is as it libben yn in sucht

Is it foarby in greate klucht

En lang om let krijt elk syn nocht

## Colofon

Dit boek is uitsluitend bedoeld voor persoonlijk gebruik en/of educatieve en informatieve doeleinden. Het mag niet worden gebruikt voor commerciële doeleinden of winstbejag.

## Bronnen

Bron is vermeld onder de titel van het gedicht.

## Disclaimer Copyright©

- Aan de totstandkoming van deze uitgave is de uiterste zorg besteed. Voor informatie die onjuist is of onvolledig is opgenomen, aanvaardt de auteur geen aansprakelijkheid voor enigerlei directe of indirecte schade, van welke aard dan ook, die voortvloeit uit- of in enig opzicht verband houdt met het gebruik van de inhoud.
- Daar waar in de tekst gebruik wordt gemaakt van links naar websites, aanvaardt de auteur geen aansprakelijkheid voor de inhoud van die websites.
- Voor eventuele verbeteringen en aanvullingen van de opgenomen gegevens of beeldmateriaal houdt de auteur zich aanbevolen.
- De informatie in deze uitgave kan zonder voorafgaande waarschuwing of kennisgeving worden gewijzigd in een volgende uitgave.
- De vermelde informatie is te goeder trouw geheel of gedeeltelijk overgenomen of ontleend aan de onder *Bronnen* vermelde websites, artikelen en boeken etc.
- Wanneer beeldmateriaal of teksten in deze uitgave vallen onder het auteursrecht of copy-recht, meld dit dan aan de auteur. Indien aangetoond, wordt de afbeelding of tekst direct verwijderd in een volgende uitgave.
- Niets uit deze uitgave mag worden verveelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd gegevensbestand en/of openbaar gemaakt in enige vorm of op enige wijze, hetzij elektronisch, mechanisch, door fotokopieën, opnamen of op enige andere manier zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van de auteur.

## Foto verantwoording

**Auteursrechthebbende onbekend:** Aldegea, simmer 1969; Aldegeaster Toer en Tsjerke; Bakkerij de Vries; De âlde toer; De blauwe stien; De Doarpsomropper; Doarpsfeest 1994; Hoe *de Hoop* de wijk neemt; It rjocht dat sprekt; Joech ik dy wurden; Kreambesite; 100 jaar *Looft den Heer*; Oan in âlde freon; Us âlde toer;

**Casper Tolboom:** Hoop van stenen;

**Meindert de Boer:** Alde beam; Alde gea; Bocht in de rivier; Boeren & Stikstof; De Bakbrogge; De Gealânswei; De Grytman; Do hast hjir rûn; Ferbûnens; Frjemde fûgels; It âld Smelne Geaster Paradys; Molenhoek; Myn kuijerke; Sterke tjerke; Ticht;

**Wieger Paulus:** Sint-Agathatsjerke laatste pagina

**Kadasterkaart van Fryslân 2006:** Jan Durkspolder overgenomen uit het boek van Arend Toering *Earnewâld en omkriten* juli 2021 pagina 88: Jan Durkspolder


**Kaart polder Hegewarren:** Joech ik dy worden topografische kaart uit ± 1950, overgenomen uit presentatie *Landschapsbiografie De Burd | Sitebuorren | De Hegewarren*, december 2020, ©Rijksuniversiteit Groningen, kenniscentrum Landschap 2020, in opdracht van Provinsje Fryslân

**Toanielferiering Op 'e Nij Bigoun:** it Kistke overgenomen uit het programmaboekje

## Realisatie & Samenstelling

© 2 november 2025

Titel Poëzy út of oer Aldegea  
Uitgever Eigen beheer @MeintMakke  
Auteur Meindert de Boer



**Meindert de Boer**

Buorren 29 9216 WB Oudega (Smallingerland)

e-mail: meindertdeboer@live.nl

1<sup>e</sup> uitgave Januari 2023 10 exemplaren  
1<sup>e</sup> exemplaar voor Janneke Geerligs-Lindeboom als dank voor 12 jaar bestuurslid Doarpsbelang  
2<sup>e</sup> uitgave Alleen digitaal

